



Moat it sa? : toanielstik [mei sang] yn fjouwer bidrjúwen

<https://hdl.handle.net/1874/233710>

MOAT IT SA?

TOANIELSTIK

yn Fjouwer Bidrjûwen

TROCH

S. VALKENA

(Valkema?)

FEN

*** WIRDUM. ***



PRINTE BIJ PH. WEIJER — WOLFEGEA.

MOAT IT SA?

Toanielstik yn 4 bidrjuwen.

PERSOANEN:

KLAVERSMA, in boer.

GRYTSJE, syn wiif.

DYNTSJE, hjar dochter.

SJOUKE, in earne boers oan, frijer fen Dyntsje.

WOBBE, in jonge rike boer.

KLAES, feint bij Wobbe, { letter man in wiif.

MAEI, faem bij Klaversma, }

LYS, bôlkoerrinster.

JOCHEM, in pakkedrager.

It 1ste bidrjûw spilet bij Klaversma.

» 2de » » » »

» 3de » goed 3 jier letter bij Wobbe.

» 4de » yet 3 jier letter bij Klaversma.

EARSTE BIDRJUW.

In gewoane boerekeamer bij Klaversma.

Maei, hja faget sjongende de keamer oan.

*J o c h e m, mei in pak op 'e rêg,
opkommende:*

Moarn Maeike! Kom, fagest de boel hwet oan? En hwet bist fleurich yn 'e iere moarn; nou al sjonge, en 't is noch gjin 8 ûre. Wilst' wol hwet it sprek-wud seit? »Dy foar achten sjonge, moatte nei ach-ten gûle».

M a e i:

Hwet de sprekwudden sizze, kin mij neat skille, ik sjong as ik der niget oan haw. Mar wolle jou tonei de foetten hwet skiender ôffeije? Oars helpt it himmeljen mij neat.

J o c h e m:

Foi! net sa brimstich, sa botte smoarg binne myn foetten net. Ien feeche mear, dan is 't wer skien. Is de frou thús?

M a e i k e:

Ja, hja is efter bij de tsjerne, ik scoe de keamer for hjar oprêdde, dan koen' we bitiid kofjedrinke, sei se, hwent it folts moat mei de bisten fen hûs.

J o c h e m:

Dat koe ik dan wol ris treffe, dochs fen 'e moarn haw 'k dat net oan tiid. Scoene je hjar net efkes roppe wolle? ik haw in lyts boadskip oan hjar, en dan gean ik gau wer foart.

M a e i k e

Ja, 'k scil 't wol efkes dwaen; gean dan mar op

dit skiene plak sitten; hjir is in stoel! (*Maeike ôf.*)

Jochem: (*allinne.*)

Och, och, hwet jout dizze sondige tiid al hwet to dwaen yn de wrâld; hwet kin ik skoan sjen dat boer Klaversma ek net mear is, hwet hij west hat dan syn reaw en beslach is 't to sjen, hear!

En dat sokke oppassende ljue, fen wa nimmen sizze kin, dat hja it forpronke of fordien hawwe.

Hienen hja hjarren mar hwet mear oerjoun oan it goede, en de geboden better leauwt, wis hienen hja dan mear seine hawn op hjar wegen. Hwent dit is mar wier: dy op syn eigen kreft mient bouwe to kinnen, en de geboden des Hearen net achtet, dy syn gebouw rêst net op in stevige sângroun, mar scil ynstoarte as alear de mûrren fen Jericho.

Sa giet it mei Klaversma syn hûshaldinge ek, dy..... (*Hij heart frou Klaversma oankommen, dy opkomt mei de mouwen opstrûpt.*)

Jochem (*tsjin Grytsje*):

Moarn frou! Ho is 't mei jou?

Grytsje:

Moarn Jochem! Bêst, ho is 't mei jou?

Jochem:

Jou scille wol tinke hwet is Jochem hjir ier en bitiid, hwet scoe dy hjir for boadskip hawwe? Mar, sjochje! ik hie heart dat Dyntje Maeie trouwe scoe, en nou tocht ik, mar yntiids er bij to wêzen, hwent jou scoene dochs wol it iene en 't oare nou noadig wêze, en dy er it earst om freget, hat de earste kans, tink ik altiten sa.

Grytsje:

Dat se trouwe scil, is noch sa fier net, en scil ek licht noch sa gau net barre.

Dat jou mij om de gunst freechje doarre, liket mij bûtendat wol hwet freamd ta, omdat je mij koartlyn mei dat rokstreep sa bidragen hawwe.

J o c h e m (*forheard.*)

Ik jou bidragen? Foi, foi! ho kom j'er bij. 't Is fen de selde lape, der jou op 't stael fen bistelden.

G r y t s j e :

't Is daedlik, sa 't ynpakt wier, nei de skroar brocht, foar dat ik it neisjoen hie, en dat spyt mij nou. Mar fen in man, dy sa as jou sa drok nei de fine tsjerke sjouwt, hie ik gjin biskiterije forwachte. It blykt lykwol dat ik to goed oer jou tochte, hwent do 'k de rok thús krige, do fornaem ik wol, wa't jou leferansier west hat. Dat is deselde keapman net iens, dy jou seinen en ho scoe dan de rok fen deselde lape wêze der 't stael fen wier?

J o c h e m (*hwet forlegen*):

Ja, sjochje frou! jou witte like goed as ik, dat alle goed net like goed útfalt; wij sitte er sels net yn. Wij moatte it dan to nei mar hwet skikke, as je wer ris hwet noadich binne, tinkt mij.

G r y t s j e :

Ik scil jou ek noch wer de gelegenheid jaen om mij to bidragen! Né, man! sa leit it lân net. En ik kin myn tiid ek net mear mei jou forbeuselje. Wolle je hwet sitten bljúwe, dat is mij goed, mar ik moat foart. Moarn! (*Of.*)

J o c h e m (*hij scil ek foart*):

Stom! wa scoe dat tocht hawwe.

M a e i, *komt op en seit*:

Wel keapman, al hwet forkoft oan de frou? (*Hja laket.*)

J o c h e m (*yn 't foartgean*):

Wa stekstou de gek oan? Ik haw neat mei dy to meitsjen. (*Of.*)

M a e i (*allinne*):

Dy hat it rokstreept yn 'e mage, wol 'k leauwe.

Dy skynheiligen kwibus, mei syn geflaei hat er elts mar by de mouwe. Hwet binne de minsken al ûngelyk. Mar dit haw ik al bij ûnderfining: dy rjucht en roun syn miening seit en de wierheit heech hâldt, dy kriget net sa gau in wyt foetsje bij in oar, as dy de hûch hwet nei de wyn hingje lit. 't Is bidroed, mar min kin er ek net altyd oer jeuselje. Min moat eigentlik de gek mar met de wrâld hawwe. (*Hja sjongt.*)

W o b b e, *opkommende*:

Moarn Maeike! Kom, hiest dyn leaf bekje al wer oan 't sjongen set? Nou, nou! de nachtegeal is er in bistke bij; as ik sa moai song as dou, dan woe 'k bij de hûsen lâns, leau ik. (*Hij wol hjar om 't kin strike.*)

M a e i (*slacht mei de hân nei him*):

Hâld je hannen thús, dat haw 'k jou al faker sein. As jou sa moai sjonge koenen en bij de hûsen lâns rounen, dan hienen de boeren gjin lêst fen âlde roeken en aksters.

W o b b e:

Ho dat sa, tinkste?

M a e i:

Hja seagen jou dan misskien for in earn oan, en for sok folts binne hja skrutel.

W o b b e:

Ho is 't, hast Sneintejoun ek in frijer hawn? Myn feint hat er al op út west. Hij komt hjir wol ris mear, net?

M a e i:

Moat ik jou alles oan de noas hingje? Nou, nou! dan bûgde dy gou troch fen ballêst en dan hie Dyn tominsten gjin sin oan jou.

W o b b e:

Hat Sjouke hjir Sneintejoun ek west? Hwet tink-

ste, Maei, scoe Dyn sa'n bulte mei him ophawwe, dat hja net fen him ôfsjen kin?

Maei:

Wa scoe mei sa'n krease, tsjeppe feint as Sjouke net in bulte ophawwe? En dan noch to mear as it sa'n troch *bêste* feint is, dy sa warber is for syn brea. Dat is ek hwet wirdig, al hat sanien dan ek gjin jild der hij op pochge kin. In sounne flinke holle en lea, in earlik gewisse en in pear goede hannen oan 't liif om to arbeidsjen, — sei myn pake altyd, — binne like folle wirdig as in boerepleats, en dat leau ik ek wol. As ik Dyn wier, dan wist ik wol hwet ik die. Hja fynt net gau better keardel.

Wobbe:

Dat mei sa wol wêze; sa'n earme lûsangel as hij. En dan nog to greatsk of to loai om te tsjinjen. As hij dat die en him by foarbyld bij in boer forhierde, dan koenen syn âlden der hwet mei baet wirde. Sels hawwe se neat, hja brûke it jild fen in oar en kinne op 'e tiid de rinte net iens bitelje. In greate parade en in lyts garnisoen; hja miene te wêzen hwet hja nea wirde scille.

Maei:

Hark ris, it stiet jou gemien in oar to birabjen en dan yette to mear, omdat jou mei dy minsken neat hawwe út to stean. Hja brûke gjin jild fen jouwes, wol? En dan kin 't jou ek neat skille; hwet in oar docht, giet jou net oan, man. 't Wier folle better dat jou je der oer stil hâlden.

Wobbe:

Hwet ik er fen sizze wol, scil 'k sels witte, der freechje 'k dij net nei, mei dyn finrige bek. Ik siz mar dat it skande is, dat hja sa'n fortoaning meitsje, om in oar dermei to oerbluffen.

Maei:

Jou miene mar, dat dy jild hawwe, ek *bêste*

minskan binne, en dat de oaren nergens oars for dooche as for arbeidsjen. Wol ik jou hwet sizze? Sjouke syn âlden wurde al jierriech, hja kinne sels net folle mear oan de boerkerije dwaen, en nou fyn ik it just flink fen him, dat hij syn bêst docht, om syn âlden to stypjen en to helpen.

Altyd hawwe dy âlde ljue yn dat spultsje wenne, en it scoe hjarren nei gean, as hja it nou forlitte moasten.

W o b b e :

Dat scoe wol gau hwet wenne, as hja er mar út moasten.

M a e i :

Jou kinne moai prate, mar begripe kinne jou tige min, sa 't liket.

W o b b e :

En hwet scoe it mei Dyntje en him wurde? Kleare bare lyen. Hja yn in lyts húske, en as er dan twa húshâldingen fen Sjouke syn fortsjinst libje moasten, dan koe dat dochs ommers net, dan iet de iene de oare gau op.

M a e i :

Dyntje hat ek flinke hannen oan hjar lichem, hja hat arbeidsjen, naeien en breidsjen en alles hwet er bij heart, leard, sa goed as er ien is. For twa sokke kloeke, bitoeft ljue scoe er dochs yet wol in stik brea oersjitte op in lyts pleatske of sa.

W o b b e :

Ja, praten is praten, mar dwaen is in ding; — dat scil wat ôffalle.

M a e i :

Mar „sin en wille, kinne folle tille,” kin ik ek wol sizze, en mei rjucht. Ik hie tominsten ien sûnder sinten, mar dy deugdsim is en dy arbeidsje wol, frij wat ljeafer, as sa'n loai, greatsprekkirige, superige

kwibus; hwent ien dy misbrûk fen sterke drank makket, kin in trije-mester troch de kiel jeije, seit it sprekwud, en sa goed scille 'r dos ek wol ien of twa boerepleatsen troch kinne. (*For hjar sels* :) Knoapje dat yn dyn ear.

W o b b e (*lilk*):

Dan scoe troch dynes wol in tsjerke mei toer kinne. 't Liket wol dat stou sin oan Sjouke heste, sa folle goeds wist' fen him to fortellen.

M a e i:

Nou, ik scoe him wol hawwe wolle, as er sin oan my hie; dat scoe in lûkje wêze. (*Hja laket.*)

W o b b e:

Dat scil ik ris tsjin myn feint sizze, dan wit er ho it stiet.

M a e i:

Der laitsje 'k hwet om, man! Ik jow noch de iene om de oare. Wol Klaes net, dan stiet Piter wol wer klear, der binne mear manljue as tsjerken. Mar ik stean myn tiid mei jou to fôrteutsjen; ik moat noadig oan 't wirk. (*ôf* :)

W o b b e, (*allinne, trapet it toaniel op en del* :)

't Is divels, dat Dyn noch altyd net fen dy fint ôfsjen kin. Ik kin 't mij net bigripe. Hja kin 't sa skoan bij mij krije, en hja blúwt mar ôfwearsig. Mar ik krij er de brui fen, ik lit mij net mear om de tûn liede. 'k Scil de âlde boer mar sizze hwer it op stiet; hja scil myn wiif wirde, al scil de ûnderste stien ek boppest en oars wol ik myn jild hawwe. Ien frommis kin mij eigentlyk nou wol net sa'n bulte skille, der binne sa folle, dy wol graech wolle, en ik lit mij net oan in strie bine, mar for dy fint, dy Sjouke, ûnder to dwaen, dat is mij dochs ek to min; dat doch ik net. Né, der scille wij net fen hawwe. (*Hij sjocht ta it finster út.*) Der komt Kla-

versma krekt oan. 't Moat nou mar wêze, de kop is mij gjin jellen lang. (*Klaversma komt op.*)

W o b b e, (*tsjin Klaversma:*)

Moarn, Klaversma!

K l a v e r s m a :

Ek goe moarn!

W o b b e :

Der hawwe je mij al ris wer. En ik scil ek mar mei de doar yn hûs falle, ik scoe ris bij jou sjen, om mei jou ôf to praten oer de saek, hweroer wij forline wike net ôfhandele wiernen. Der is nou just sa'n haest net bij, mar as min soks hwet yn 't sin hat, wol min der ljeafst net lang mei wachtsje. Ik bin oer dy saek deselde bljeaun. Ik wol, sa ik do sei, jou fjirder helpe en bijstean. De twa tûsen goune kinn' jou mei alle ljeafde fen mij krije; mar altyd mei 't bitingst dat Dyntje myn wiif wirdt. Mar as jimme dat net tasteane en hjar der net ta oerhelje wolle, dan easkje 'k mei gauens myn jild op. Ik haw der oars ek wol plak foar; en boppen-dien, ik wol myn sinten net ienkear yn de hannen sjen fen sa'n fint as Sjouke. It hat lang genôch dûrre, dat ik om Dyntje stikke, en yet wol hja neat fen mij witte en hâldt mar mei dy oare fint oan; ik haw myn nocht er ôf. Jou hienen mij ûnthjitten dat hij net wer bij jou dochter komme scoe, en for-line snein hat hij er al wer west. Ik bin er de man net nei, om mij for boantsjelap hâlde to litten. Der haw 'k mijn namme to ljeaf ta.

K l a v e r s m a (*dy forheard op-harke*):

Jou goede namme scil myn dochter jou nea ûntnimme. Ik haw hjar lykwol net oan 't kjetting, lyk as myn hiemdôge en 'k wol hjar alles net ûnthâlde, wer hjar sin op falt. Dat ik bliid bin dat je my helpe wolle, der kin je op oan en ik wol myn tankberens graech toane, troch jou sin to dwaen safolle as ik

kin. Mar for jou help freechje jou ek sa'n priis, dat min jin der earst wol ris oer bitinke moat. Myn frou en ik hawwe great tweintig jier skript en bodde om de foetten ûnder 't liif to hâlden mei ús greate hûshâlding en wij hawwe altyd iens fen sin en wille west. Moarns ier en jouns let wiernen wij er bij, en we hawwe ús net to bikleien dat wij ús jild for-gaste en fordien hawwe; mar al to heeche hieren hawwe ús efterút brocht, ús jild gong nei de lân-heare, it jild der wij sa for arbeide hawwe, en de ienigste tank dy wy er for ûntfongen, wier in swart gesicht en 't easkjen fen rinte for eltse goune, dy wy net op tiid bitellen. Derom wier jou help ús tige wolkom, mar nou freechje jou der mear for, as wij dwaen kinne. Sjouke en Dyntje learden elkoar as bern kinnen, groeiden meienoar op en hawwe elkoar boartsjende wei ljeaf krige. 't Scoe ús swier falle, dy beide herten fenien to skûren, dy bân to brekken, dy al sa fêst smeid is. Mar . . . hja is mei ús omstandigheden alhiel bikind en scil hjar foar ús opofferje, as wij hjar derfen net tobek hâlde. Sa 'n edel sin sit yn hjar. Mar siker, jimme scoenen togearre dochs gjin lok en wille hawwe. It lok is net mei goud to keapjen, en oanelkoar to binen, hwet net bijenoar heart, bringt de greatste ellende yn 'e wrâld.

W o b b e :

Hwet jou der sizze, scil licht allegearre wol hout snye, dochs troch earmoed witte je net hwet genot as it bisit fen 't goed jowt. Sa giet it de frouljue ek, as se pronkje kinne en útgean, sa faek as hja wolle, dan forjitte hja gau hwet se troch hjar trouwen misse moasten. Sa scill it ek wol mei jou dochter gean.

K l a v e r s m a :

Dat scil jou wol hwet ôffalle, scoe 'k tinke. Hwet jou miene dat hja genot yn fine scoe, hat hja nea kinnen leard, dat wardearet hja net en der fynt hja gjin genot yn. Hja scil hjar it best yn ienfâldigheid en yn in stille hûshâlding thús fine. En jou hâlde noch al fen loftigheid en roerigheid; siker, yn

jou eigen bêst siz ik yette ris: forbyn dy foarwaerde net oan de help, dy jou ús forliene wolle. Ik scil hjar sels lykwol de kar litte, mar bitanket hja er foar, dan wol ik hjar net twinge.

W o b b e :

Nou, ik haw der net folle need mei, hja scil it wol oannimme. Sa 'n hân as mines wirdt hjar alle dagen net oanbean. In pear eigen boerepleatsen, 'n moai hûs en moai hûsried, in span moaie hynders mei in pear moaie weinen for pleisierriden, — nou, sjea der! dat is gjin smeldoek, scoe 'k sizze. Scoe hja Sjouke ljeafer hawwe, mei wa hja altyd wrotte en wraeme moatte scoe, om oan de kost to kommen? It scoe to dom fen hjar wêze.

K l a v e r s m a :

Dat jou fen de ynerlike forhâlding fen man en wiif gjin begryp hawwe; dat je het lok, dat de wiere ljeafde jaen kin, nea fielden, leau ik graech en yet to mear, nou ik fornim, dat jou de frou biskôgje as in soarte fen keapwaer. Dy 't mearste biede kin, krijt it oannimmelikste wêzen for syn jild, lykje jou to mienen. Doch ûngelokkig hja, dy hjar keapje lit en ek ûngelokkig mei al syn jild, hij dy dat ta sok keapjen brûkt. 't Giet mij kâld troch de lea, as ik er oan tink dat myn bern ek as sa 'n keapwaer brûkt wurde scoe.

W o b b e :

Jimme hoeve hjar net to twingen, jimme binne sels baes, dochs wird ik ôfwiisd, dan giet it troch hwet ik sein haw. Wij hoeve elkoar it bloed net waerm to meitsjen, jou witte ho je kinne, handelje dernei nei eigen goedfinen.

K l a v e r s m a :

Freechje jou it jild op, dat boerkerij en húshalding yn stân hâldt, al is 't ek mei moeite, dan kin ik fen in oar net wer holpen wurde, in moat ik ôfbrekke. Myn wiif en ik binne to âld om mei ar-

beidsjen de kost to fortsjinjen, en dat scoe dan dochs moatte. Hawwe wij derfor libbe en ús bêst dien, dan wier 't better, dat wij nea berne west hienen. Libbet min dan allinne om yn earmoed en soargen op to gean? 't Liket by in bulte minsken sa te wêzen. Och, brûk in bytsje meilijen en forstân. As wij al ris wêgeren, lit ús dan yet in bytsje tiid, om ris roun to sjen, *as* wij ek oars holpen wirde kinne.

W o b b e :

Jimme hawwe lang wol witten ho 't stie; hie er dan mar earder yn forsjoen. Mar lit ús er mar net mear oer prate. Ik kom yn 't koart werom om it antwud te heljen, en wolle jou mij dat bringe, dat is ek goed. Jou hawwe mij fen 'e moarn al wudden genôch sein. Hie 'k mannichien foar hawn, dan hie 'k se mij sa net sizze litten en for goed opnommen. Mar ik wol it jou mar net kwea nimme, en hoopje dat je dochter wiis genôch wêze scil, om hjar eigenen jimme bêst to kiezen.

Praet er ris mei hjar oer, ik moat foart. Moarn, Klaversma!

K l a v e r s m a (*yn gedachten*):

Moarn.

W o b b e (*komt wer yn*):

O ja, ik scoe noch in noadich boadskip forgetten hawwe. As Dyntje myn foarstel oannimt, dan wol ik natúrlyk ek houlyksche foarwaerden meitsje. Min wol jins goed bij 't forstjerren, as 't kin, net yn freamde hannen hawwe. Ik siz dit er effentjes bij, howol jimme it oars ek wol bigrype koene (*óf*).

K l a v e r s m a :

Dat ek noch. Och, it komt ek op in bytsje net oan. Sa 'n skoansoan to krijen, 't is om er grutsk op to wêzen. (*Hij sködhallet* :) Jins gelove oan deugd en minske-adel wirdt op sa'n wise al wer net stipe. Hwet kin it jild, dy ôfgod, in minske al fier fen syn bistemming ôfbringe. Hwet kin de metalen mammon,

it goede sied, dat elts minskehert bifettet, al forstikje, en hwet koe 't for allegearre in segen wêze.

Hwet koenen wij hjir meienoar de wide wrâld ta in himmel meitsje en hja meitsje er in hel fen.

Wij moatte it mar nimme sa it is; — tûsen sa min as ien kinne er hwet oan foroarje, mar sa kin en scil it altyd net bljúwe. Der komme Grytsje en Dyntsje oan, — krekt fen pas. Mar 'k doar hjarren hast net mei de saek op 'e hichte to helpen.

Klaversma, Grytsje, Dyntsje:

Grytsje, tsjin Klaversma:

Hat Wobbe hjir west? Hwet hie dy yn akte?

Dyntsje:

Ja heit, hwet hat er sein?

Klaversma:

Wel, hij sloech wer op it selde oanbyld. Dyn moat syn wiif wurde of wij moatte 't jild stoarte. Ik haw him it ien en oar al witte litten, mar for oerreedsjen is hij net fetber, en binnen koart moat hij de útslach witte, sa 't hij sei. Hwet wij scille, wit ik sels net. As ik dij oansjoch, Dyn, dan is 't krekt as mij alles draeit. Ho scille wij, hwet moatte wij dwaen?

Grytsje:

Hat notaris Pakyn al werom skrjeaun oer dy 2000 gounen?

Klaversma:

Ja, justerjoun haw 'k de brief krige. Hij kin gjin tatiding jaen, skrijwt er; 't spyt him tige. Dat is goed en wol, mar dat *jout* ús neat. Och, dy ljue, moast tinke, giet it sa: earst wolle hja jin tige graech helpe, sa 't hiet, om jin nei in koart skoftsje tiid it fel safolle to better oer de nekke helje to kinnen. It forkeapjen fen jins reau en bislach jowt hjarren dan ek noch in stúrke extra. Nou hij ús mar for sa'n koarte tiid liene woe, wier 't better west dat

wij oars omsjoen hienen. Mar 't is al wer net oars. Us omke skryút mij, dat hij 't onmoochlik skikke kin. Dos fen beide siden ofwiisd.

G r y t s j e :

De boerkerij sa folle ynkoarte kin ek net, hé ?

K l a v e r s m a :

Dat kinst' ommers wol bigripe, hwer scoe dat hinne ? Wol hea yn de skûrre, dat we net forkeapje mochten, en gjin fé op stâl en dos ek gjin gemaek ? Ho it moat, ik wit it net !

D y n t s j e :

Dat scil ik heit wol sizze. Ik haw myn bislút nomd. 't Is better dat *ien* it minder nei 't sin krijt, dan dat heit en mem en allegearre earmoed lije scille. Alles hawwe jimme for mij dien, en scoe ik dan neat ontbeare kinne, scoe ik net tankber wêze, for 't jinge ik ten jimme genoat ? 't Scil mei Wobbe trouwe en myn bêst dwaen, om 't mei him to skikken. (*Hja sjocht foar hjar del.*)

G r y t s j e :

Mar wat scil Sjouke dan ?

D y n t s j e, (*krijet hjar bij de hân*):

Och, mem, neam dy namme nou net. (*Skriemende* :)
Nou net !

G r y t s j e :

Ja fanke, mar it scil er dan dochs ta komme moatte, dat stou it him sizze moatste.

D y n t s j e :

Och mem, praet der nou net mear oer: lit dat mar allinne oan mij oer; 't is for mij ek net maklyk om it him to sizzen, mar it moat. Ik haw myn bislút nomd en 't moat daedlyk mar wêze. Ik wol myn hân net forsizze, foar hij wit, dat ik sines net oan-nimme kin. Hij komt hjir strak, lit mij dan mar mei him allinne.

Klaversma (*Kriget Dyntsje bij
de hân, mei trien-
nen yn de eagen*):

Dat dyn hert sa goed is, wist ik wol, mar der meie wij gjin misbrûk fen meitsje. Né, dan ljeaver it baeitsje út en arbeidsje sa lang as 't kin.

Dyntsje:

Dat kin heit wol sizze, mar dat wirdt neat, en Wobbe scil syn wud hâlde, tink der mar oan. En as we dan ienkear yn earmoed sitte, dan is 't to let, dan is er gjin helpen mear oan.

Grytsje:

Licht falt it wol wat mei. Kriget Wobbe in goed wiif, dan kin hij de drank ek wol ris stean litte, en him hwet mear thús hâlde. Dou krigest dan ek yn alles fol op, en dat forgoedet in bulte fortriet. Hwet forkeard liket, falt ek wol ris hwet mei. Min sjocht ommers wol, dat inkele ljue, dy om 't jild trouden, dochs wol lokkig meienoar binne!

Klaversma:

Ja! sa 't for de wrâld liket; mar hwet triennen er skriemt wirde yn de iensimheid sjocht min net.

Grytsje:

Dat scil sa wol wêze. Mar min sjocht ek wol ris dat nei it trouwen de balstjûrigens er hwet ôfgiet, en de wille mear yn 't husgesin socht wirdt.

Klaversma:

It mei in inkel gefal wêze, mar net folle. Alleast it derop te weachjen, derfor is de stap to great.

En licht wol er ús nou wol helpe en as jimme trouw binne, der dochs for passe en ús de rêg takeare.

Sadwaende koenen wij *alles* forliese en dij yn 't lijen bringe en dat scoe akelig wêze.

Grytsje:

Jou hawwe 't slimste ek altyd foar.

D y n t s j e :

It kin wol hwet mei falle, heit! Moochlyk lit hij him wol wat liede, as wij trouw binne.

K l a v e r s m a :

En dan sa'n feint as Sjouke, dy elts hjir graech lije mei, der elts achting foar hat en der stou sa'n bulte fen hâldste, Dyn! Dy foar de holle to stjitten, him syn libbenswille to binimmen, dat bitsjut noch al hwet. Mearstentiids giet min to licht oer sokke dingen hinne, en min birekkent de gefolgen er net fen. Hij had ek âlders en wy witte wol hwet hij foar hjarren is. As sa 'n fint ik mar útstean kin, dat stou him bitankeste. As hij ris siik of sljucht er fen waerd — hwet scoenen er dan in ûngelokkigen wêze. Ik mei er net oan tinke.

G r y t s j e :

Moat it sa dalik wêze? Ik die er noch mar in pear dagen tiid mei, min kin net ris witte hwer noch útkomst weikomt. Ik scoe noch mar hwet tiid dwaen.

D y n t s j e :

Dat kin mem wol hoapje, mar hwer scil help weikomme? Hwet gauer dy bân dan forbritsen is, hwet better. Ik bin dan to minsten tsjin Wobbe net ûnearlik. (*Bislist* :) Wij prate 'r net mear oer.

L y s, (*ropt oan de doar* :)

Ek wat út de bôlkoer ?

G r y t s j e, (*ropt nei de doar* :)

'k Scil daedlyk wol bij jou komme, Lyske. Liz mar for in dûbelstje swipemagen en in stoterske bôlle op 'e tafel, ik scil jild helje. (*ôf* :)

K l a v e r s m a :

Scille wij earst kofjedrinke, dan gean ik nei 't lân. (*Klaversma en Dyntsje of* :)

L y s, (*komt op, mei it bistelde goed yn 'e hannen en leit dit op 'e tafel del; hja hat it jok oer it skouder. Hja seit:*)

Hwet sjocht de frou forheard, scoe er hwet foarfallen wêze?

G r y t s j e, (*opkommende:*)

Ho folle is 't?

L y s, (*mei flaeiende stimme:*)

Fyftoheal stûr. Hwet is 't fiks goed tsjinwirdig, net?

G r y t s j e, (*jowt it jild oer:*)

Ja, Pibe syn goed is tige moai, it hat wol ris minder west.

L y s, (*docht it jild yn 'e pong:*)

Hawwe je 't al heard? Timmelske hjar moaie Gretske is juster ek 'e kream komt fen in grouwe jonge. Och! och! hwet wier mij dat in boel. Neat hast yn 'e hûs, gjin klaeiing om it lytse stumper oan to tsjen! it wier allegjearre lyen. Min scoe sizze hwer bljûwt it dochs. Hjar man hat dochs de hiele simmer wirk hawn, en hja hawwe hwet winterturf krige, en de Winter is er noch net of alles is op en wei. Né! dan moat ik kloeker hûshâlde, en dan alles sels fortsjinje!

G r y t s j e:

Krije jou gjin ûnderhâld, Lys?

L y s:

Underhâld eigentlik net. Wol jouwe de fâlden mij in frij hûs en winters wyks in heal brea en for in pear kwartsjes winkelwaren, en hjerstmis hwet turf en in pear koer fol ierdapels, mar dat kin min eigentlik gjin ûnderhâld neame, tinkt mij. Ik siz altyd mar: dy syn bêst docht, der scil de Heare wol for soargje.

G r y t s j e :

Tink jou er sa oer? Al kryje jou gjin ûnderhâld, sa jou sizze, it liket er dan dochs wol hwet op, tinkt mij. Ik scoe sizze: as jou sels net fortsjinje, dan hawwe je neat, sa giet it folle. Dy op de Heare wachtsje scil, kin mar op de neilen bite, it manna reint net mear út de loft.

L y s :

Foi, frou, sa 'n idele tael; sa 'n miskenning fen de Heare. (*Hja scil foartgean.*) Boer Wobbe hat justerjoun de bok ek wer oan 't touw hawn, hearde ik fen 'e moarn. 'k Haw it net sjoen, hwent dan hie ik him ûnder it each brocht, ho 'n sûndige wei hy biwandelt. 't Is oars sa 'n slimme fint net. Ik krij wol gou ris hwet fen him, as er in bist fen him steart b.v., of as er slachtet. Koartlyn seinen hja ek, dat hy syn hûshâldster net gewirde litte kin. Nou, hwet derfen oan is, wit ik net, mar hij is er wol hwet grien mei, dat haw 'k ek wol ris opmurken.

G r y t s j e :

Dat hie 'k oars nea fen him heart.

L y s :

Net minske? Och, jou komme ek net sa folle op 'e lappén, en dan heart min alle niis net, oars? Hij siket oars ek om in wiif, seit min. Hja fortelden mij ek al, dat hij sloech syn eagen ek op jou dochter, mar dat woe 'k net leauwe! Dyntsje is to goed for him, dy komt better man ta, as hy ien is. Nou, as hy syn gelikens krijt, dan kin hij noch wol earm, al mient er, dat it net op kin. As syn pake, âlde Grealtom de eagen ris iepen die, dan scoe er him raer bisouwe, tink ik. Hwent dy gong earst al op in dûbeltsje stean, foar hij ien útjoech.

G r y t s j e :

Dan is 't ek al wer goed, dat Grealtom syn eagen

sletten binne, dan is dy to minsten for in bulte lêst biwarre bljeaun.

L y s :

En hawwe jou it al hjeard, dat Haeije Turfmot wol op 'e flesse gean scil? Syn boeltsje scoe fen de wike opskrejuwn wurde, seinen se. Nou, dan scil Jetske-lea ek opsitten leare, en de klûntsjepot kin ek wol ris leech reitsje. Wyks twa poun kin se grif hawwe en hwet in swiete-kou as der yn 'e húshâlding troch giet, it is bar! Klaes Boukes moat 1000 gounne hawwe, seit min. Ja, ja, as 't sa giet, dan kin 't gjin touwen hâlde. Mar ik moat foart. Ik forpraet myn tiid alhiel-en-al. Der mei 'k oars net oer, in hopen bôlrinsters, lyk as sûre Baeie ek, dykinne hiele skoften bij de doarren stean to rabjen fen in oar. Mij tinkt der moatte de minsken it land wol oan hawwe. Nou, moarn frou! (*Of.*)

M a e i (*komt op*):

Frouw, wij scoenen koffijdrinke!

G r y t s j e :

Goed, ik kom! Maei, wost dou dat goed ris yn de de tromp lizze?

M a e i :

Jawol, boerinne! (*Grytsje ôf.*)

M a e i (*allinne*):

'k Leau dat hjir hwet oan 't handsje is. Dyn mei de hân oan de holle oan 't skriemen en de boersjen as in sûre appel yn de yttik. Hwet dat dochs wêze mei? scoe Wobbe noch altyd om Dyn stikje? Hea, der komt Sjouke oan, hwet scoe dy yn 't fet hawwe?

S j o u k e (*komt op*):

Dag Maei! 'k Haw biskie krige fen Dyn om efkes to kommen. Hja hie in noadich boadskip oan mij; en nou bin 'k forlangjend to witten hwet dat

wêze mei, dat ik bin hjir dalyk mar hinne roun.
Hwer is se?

Maei, (*yn 't ôfgean. Hja nimt de bôle mei*):
'k Scil hjar wol sizze dat jou hjir binne, hja is
yn 'e keamer. (*Of.*)

(*Koart hjirnei komt Dyntsje op. Hja sjocht biteu-
tere, min kin sjen, dat hja skriemt hat.*)

D y n t s j e :

'k Hie jou oankommen sjoen, Sjouke!

S j o u k e :

Heare Dyn, hwef sjochste taei; bist' net soun?
Hwet skilt er oan?

D y n t s j e :

'k Bin wol soun, mar hwet er oan miskearret scil
ik dy sizze, moochlyk lakest dan strak ek net blier.

S j o u k e (*forheard*):

Hwet is er dan toch, Dyn?

D y n t s j e (*leit him de hân op 'e skouder*):

'k Haw altyd san bulte fen dy hâlden. Hwet
hawwe wij faek noflike eagenblikken meienoar sli-
ten, hwet hawwe wij faek hân oan hân dy bliere
takomst tomjitte sjoen, hwennear wij altyd byelkoar
wêze scoenen, en gjin ûnk en leed ús bynei komme
scoe. Hwet hawwe wij altyd foar elkoar alles west,
en nea tocht ik dat dy bliere sinne foar ús ûnder-
gean scoe. Sjouke! hwet hawwe wij hjir faek mient,
dat we de himmel op ierde hienen; en en ...
der is nou ien twisken beiden komd, ien dy dy
sinne fortsjustert for altyd.

S j o u k e :

Sa freamd haw ik dy nea oantroffen! Ho scoe er
immen wêze kinne, dy ús lok forniele wol? Wij
libje ommers net ien yn 'e wei, of ta lêst? Net
ien hat hwet mei ús noadich, scoe 'k sizze.

D y n t s j e :

Dat moast ek sa net wêze! Mar ik siz it dy, it is sa *al*. Al lang hie 'k soarg, dat it er ienkear ta komme scoe, dat in oar oansiik om mij bij myn âlden dwaen scoe, ja, dat er myn âlden *twinge* scoe, om mij ta syn wiif to krijen. Mij sels to freechjen doarst er net earder bistan, en nou noch net iens, mar nou hat er myn heit en mem troch jildlienen yn 'e macht en bigjint nou to twingen.

S j o u k e :

Nou begryp ik er neat mear fen. Wost mij hwet wiis meitsje?

D y n t s j e :

O né! Jou witte like goed as ik, dat de jilddivel tsjinwirdig eltsenien yn syn klouwen nimt en dy er to pakken hat sûnder meilijen formoardet, dat neat for him heilig of feilig is, al moat er ek de ljeafste bannen brekke, al kronkelje de offers ek foar syn foeten, smekjende om genade, hij lit syn iseren fûst falle op alles hwet hij yn syn macht hat.

Jou witte like goed as ik, dat Wobbe, — hwent dy is hjir dy divel — heit en mem ûngelokkig meitsje kin, en dat dwaen scil, — sa gou moochlyk, as ... as ik syn wiif net wirde wol.

S j o u k e (*forbûke*):

Dou syn wiif wirde? Dat is net moochlyk. Dy sûplap, dy syn tsjinstfammen de hânnen net fen 'e hûd hâlde kin, dy de gemienens ta de eagen ûtsjocht, scoe dyn man wirde? Om dy to fortraepjen, ja op 't lêst to formoardsjen? Né, dat nea! Der scil ik foar opkomme! Der haw 'k mien libben for oer.

D y n t s j e :

Dat stou it goed mei mij mienste, en graech altyd for mij soargje scoeste, dat wit ik. Mar wa soarget for heit en mem, for myn broers en sisters, as Wobbe alles forkeapje lit? Wij scoenen 't net dwaen kinne, Sjouke, al ho graech wij it woenen.

En hjarren earmoed lyen to sjen, scoe 'k net útstean kinne, dan wier 't libben mij ek bidoarn.

Sjouke:

Mar binn' dyn âlden dan net wizer? Wolle hja hjar eigen bern forkeapje, om hjarren sels to reddan? Hawwe hja dy derfor great brocht? Nea haw 'k hjarren derfor oansjoen. (*Dyntsje krijt de bûsdoek en docht dy foar de eagen.*) It dier biskermt syn jongen, as er gefaer sjocht, scoenen hja dan minder wêze? Achting for Wobbe hawwe, lit stean him ljeafhawwe, kinst immes nea? Scoenen hja dy stjerre litte wolle fen fortriet? Sa 'n bistean hie 'k yn hjarren net socht.

Dyntsje:

Hâld op Sjouke! hâld op! Forwinskje myn âlden net, dan kin ik dy net mear. Need brekt wetten. It scil my net maklyk falle, hjar tastimming to krijen, mar myn bislút stiet fêst. Ik woe 't dy earst sizze, foar dat ik it oaren meidiel.

Sjouke: (*tige oerstjûr, kriget hjar bij de hân beet.*)

Scil ik dan it lok net hawwe, dy to trouwen, dan hij ek net. Haw ik derfor trije jier lang hoope, winske en arbeide bij dei en bij nacht, en fortrouwde dat ik myn skat fortsjinne hie, om myn lok to folmeitsjen? Moat dat allegearre dan fornietige wurde? (*Hij lit hjar hân los.*) Kin mei it jild dan alles koft wurde? Moat hij, dy dat net hat, de earne, syn ljeafde sels offerje oan dy greate moloch? Untsjucht hij niks, sels net datjinge hwet de earne bodder syn libbenspaed mei in inkel roaske bistrue kin? (*Hij slacht de hân oan 'e holle.*) O God, dy rjuchtfeardig hjit ta to sjen, is dat allegearre yn jou wiis bistjûr bisteanber? Is it dan net better, dat in minske de ierde fen sa 'n monster ôfhelpt, yn pleats fen noch mear fornietigje to litten?

Dyntsje (*falt him om 'e hals.*)

O stil, Sjouke, sa net! sa net! ik wird er kâlde

fen. Och, misskien kinne wij Wobbe noch fen syn plan torêch bringe.

Sjouke:

Misskien? O, ik kin him to goed, der is gjin hoap mear op. 'k Wol safolle arbeidsje, as ik kin, om ek yn it ûnderhâld fen dyn âlden forsjen to kinnen. Is de dei net lang genôch, dan de heale nacht er bij, ik wol alles, *alles* dwaen, as ik dij mar hawwe mei, Dyn!

Dyn tsje:

Der scoe 't wis net oan mekearje, mar wij witte beide al to goed, dat in goede wil, yn ús maetskippij net baet.

Né, Sjouke! dat kinne wij wol sizze, mar dat *kin* net. De lêsten binne to swier en de fortsjinsten to lyts.

Sjouke:

En scoe er oars ek gjin kans op wêze om holpen te wurden? Dyn heit en mem steane as earlike, warbere minsken bikind.

Dyn tsje:

Né, er is gjin útkomst op in oare manier. Us folk binne hjar rie to 'n ein. Hja witte net mear ho it moat. It ienigste, dat ús noch to dwaen stiet is him to bidden en to smeken, dat er fen syn plan ôfsjen wol, — dat er it lok fen twa pear minsken net oan syn sinnen opofferje wol; — dat wij aller.....

Sjouke, (*oerstjûr en lik*):

Hâld op! Hâld op! Ik him bidde, ik him smeke, knibbelje foar him om in gunst, dy *my* ta komt? *Ik*, dy niks to freechjen, niks to bidden haw fen immen dy mij allen ûntnimme wol, hwet mij ljeaf in dierber is? Dat *fordom* ik! Hastou net mear for mij oer, woste der *alles* net for trotsearje, wolnou, nim him dan! Mar, dit siz ik yetteris: scil ik dij mines net ncame, dan hij ek net. Scil

hy myn lok, myn alles forniele, dan scil hij er ek gjin wille fen hawwe. (*Hij wol foart, dochts Dynstje krijt him bij de hân. Hja skriemt lûd.*)

D y n t s j e :

Och Sjouke, sa net, sa net! Dou scilste gjin hannen oan him slaen; dou scilst him net dea meitsje. Tink om dyn heit en mem, tink om (*Hja kin net mear sizze, mar skriemt snikkerjend.*)

S j o u k e (*schoert him los*):

O, lit mij los, lit mij los! Sjoek ik dy nea wer, hij scil dy ek net hawwe. Ik him gewirde litte? Ja, lyk as min in tiger gewirde lit!

D y n t s j e :

O, Sjouke! Sjouke! (*Hja falt fen hjar sels.*)

IT GEDYN FALT.

OARDE BIDRJUW.

It toaniel is de middel-keamer bij Klaversma.

(*Maei stoffet de stoellen en tafel ôf en set dy to-rjuchte. Wiles sjongt hja it fers: »Op, friesen op! der falt for 't rjucht to striden«, enz. Klaes komt yn en jowt hjar, bij 't ein fen 't fers, in tûtsje op it wang.*)

M a e i, (*sjocht brimstich* :)

Schamje dy hwet! Ik wird er kel fen; hwet dochst' hjir?

K l a e s :

Dat hast' wol fornommen, tocht ik.

M a e i :

As 't oars net is, dan is 't net folle to bitsjuten; gean dan mar ljeaver wer nei hûs.

K l a e s :

Dou hest' fêst net in bêst sin op 'e brulloft ; sa'n sûr gesicht komt er net bij to pas.

M a e i :

Der kinne hjoed wol ris mear sûre gesichten set wirde. Mar siz : hwet dochste hjir ?

K l a e s :

As 't mij ris blier oan lakeste, dan scil 'k it dij sizze, en oars kinst' er mar nei riede, dan siz ik it it net.

M a e i :

't Kin mij ek neat skille, hâld it mar for dij sels, ik scil 't oars wol to witten komme.

K l a e s, (*strykt hjar om 't kin :*)

'k Scoe jimme feinten hjoed hwet helpe to út- en ynspannen, mei de trouwerij, en de boer wist ek wol, dat ik wol ris bij dij wêze woe ; mar der kin neat fen komme, ljeau 'k. Kom, fleurje mar hwet op, en sjoch mij ris blier oan. Of treurstou ek al, as hja dy gjin hope hawwe op de takomst ? Sneinjoun wierst' oars wol brúksum.

M a e i, (*glimket :*)

Och, rin hinne !

K l a e s :

Ja, mar net der 'k fen dinne bin, hwent dan wier 'k fier fen dij ôf. Kom, jou mij op betterskip in lytske, dan gean 'k nei de manljue ta.

M a e i :

Ik scil dij tankje, bij ljocht-skyn dei ; elts ken 't sjen.

K l a e s :

Nou, dan stel ik ien. (*Hij pakt hjar beet en jowt hjar in tûtsje.*)

M a e i :

Bist' nou tofréden ? Wel, ho hawwe dij de barn-dewyn mei resynen fen dizze wike smakke ?

K l a e s :

Dat kinst' tinke ! mar mij sa goed net as de boer, hwent dy iet him er sêd oan, en do stapte hij as in healwoeksen hoanne, dy foar 't earst piken sjocht.

M a e i :

Soa, hat er al wer tofolle hawn ? Och ! hwet giet Dyn al in lot tomjitte. It griist mij tige oan, mar »eigen sin en wille, kin in bulte tille«, seit it sprek-wud en sa giet it hjir ek. Mar ik woe him net hawwe al fleach er mij nei.

K l a e s :

Dou hast mij ljeaver, nou ? Hij is in núvere klûtskopper ; ik haw 't goed bij him, en sjeader ! ik lit roaske soargje. Wist' wol dat Sjouke hjoed nei de *Oast* giet ; hij hat teikene for seis jier ; juster seach ik him mei de skiere oerjas oan ; hwet is dat in griis for syn âlden. Hjarren ienigste soan ! Hwet is dy fint ek yn in bytsje tiid foroare ! Oars sa'n reafallige, knappe fint, en nou sa wyt en sa meager as in latte. Scoe er louter om Dyntje foart gean scille ?

M a e i :

Ja, dat wirdt er sein. Nou, as ik Dyn west hie, dan hie 'k Sjouke gâns ljeaver hawn, as dyn boer. Mar min kin alles net krije, hwet min wol hawwe wol.

K l a e s :

Né, hwent oars woe stou ek dalik wol trouwe, tink ik.

M a e i, (*glimket* :)

Der koe stou wol ris mei bidragen wirde, feintsje ! Mar as stou de manljue helpe moaste, dan scoe 'k

dat ek mar ris dwaen. Mij hoofste net ta it wirk to helpen, en dou forletste mij mar. Wij hawwe 'k fen 'e moarn tige drok, dos ruk mar út. (*Hja trjûwt him foart.*)

Klaes:

Jow mij noch ien ta ofscied. (*Hj wol hjar de hannen om de hals slaen.*)

Maei, (*wart him ôf:*)

Dou kinst' er nou wol mei ta, en joun scilst' ek wol ris ien hawwe wolle. (*Hja glimket:*)

Klaes:

Nou, hawar dan! Dan scil 'k mar wachtsje. (*Of.*)

Maei (*bigjint wer to stofjen:*)

Dat scille we hjoed treffe, hjer! Klaes er ek bij, dat hie 'k net tocht. Ik moat mar gau mei myn wirk foartfarre, oars krij ik net bij de tiid dien. (*Hja sjocht it finster út.*) Hea! der komt fine Lys mei hjar bôle-koer krekt oan; hwet wer in forlet, hwent dy âlde tutte giet hast net wer foart.

Ik scil gau sjen fen hjar ôf to kommen.

Lys (*komt mei in bôle-koer yn de earm op en seit mei in flaeiende stimme:*)

Moarn Maeike! al drok yn de war for de feestelykheit fen dizze dei? Ja! ja! it spul moat ek foar-elkoar, en goed ek. Dyntje trouwt moochlyk mar ienkear yn hjar libben; dat scoe men tominsten hoopje, en dan moat alles yn de puntsjes wêze.

Maei:

Hja mocht wol wolle, dat dizze gau útknypte, dan koe hja moochlyk noch ris better partij dwaen. 't Mei wêze ho 't wol, mar dizze selde Wobbe scoe 'k net ljeafst hawwe wolle.

Lys, (*skodhollet:*)

Maeike! Maeike! hwet in sûndige tael: him dea

to winskjen ; jou koenen er wol ris for straft wirde. Hij is lang sa min net as *jou* miene , it is in goede, wolmienende man en de »waarheid" ek wol tagedien. O, hij hat syn lek en brek , mar wa hat dat net ? 't Komt fen de sonde, fen de fal fen Adamswege, en der kinne wij niks oandwaen, as wij de »genade" net deelachtig wirde.

Maei :

Hja mejje *him* wol genadig wêze, hwent oars scoe 'k bang wêze, dat hij in raer gat yngiet.

Lys :

Jonge , jonge, so'k spotten en lasterjen. it giet mij kâld oer de lea ; it scil jou ienkear tarekkene wirde. Sa'n frjeunlike man, de goedens sjocht him ta de eagen út, en hwet is er op oprjucht, hwet giet er frjeunskippelyk mei jin om !

Maei (*laitsjende*) :

Ja, dat wol ik omtrint wol ljeauwe, der haw 'k wol ris praet fen heard ; mar Lyske, scoe er yn dat opsicht soms net *al to* frjeunskippelyk wêze ? Oege Syts hie er lêsten ek al ris lêst fen hawn en dat is de moaiste oars net út it gea. As hij der ek al »frjeunskippelik" mei wirdt, dan wit ik er alles fen.

Lys (*lilk*) :

Hawwe je nea net ris lêzen fen de hel en fen de fordoemenis, fen it forbljûw fen de goddeloazen ? »*Daar zal weeninge zijn ende knersinge der tanden*», seit de skrift en mij tocht der scoenen je wol ris hwet om tinke mejje. It is net sa bêst, as dat ienkear oer jou bisletten is, en dat kin sa fier wol komme, as 't sa al net is.

Maei (*glimkjende*) :

Dat is for myn rekkening ; 't scil ek wol spanne , dat joues slút ; en dan hawwe wij elkoar niks to forwiten. Mar hawwe jou it goed dat je ús bringe scoene, yn dy koer ? Dan scil ik dat efkes bergje

gean mar hwet sitten. (*Hja set in stoel bij de tafel del*). 'k Scil 't effen tsjin de frou sizze, dat jou hjir binne.

L y s :

Dat kin oars neat skille, wij kinne nije wike wol rekkenje; it scil hjar nou ek wol net bêst passe om de drokte.

M a e i (*nimt de koer*):

Der scille wol brulloften fierd wurde der meer folk bij noege wirdt, hwent as hja allegearre komme, dan binne hja noch mar mei hjar tsienen. Wobbe woe it heale gea forsiikje, mar ús frou tanke er for, 't joech hjar fiersen tofolle drokte, sei se; mar der sit eigentlik de ein net fêst. Hie Dyn Sjouke krige, dan scoe er wol better feest fierd wêze.

L y s :

In minske wol syn eigen bêst faek net witte. Dyntsje kin mei gouens mar yn de ryksdaelders omrammelje, dat scil hjar wol nûver oankomme. Mei Sjouke hie 't dochs oars neat wurden as lijen.

M a e i :

As de boer trouwt is, scil er licht sa frjeunskip-pelyk net mear tsjin jou wêze, Lyske! dan hat er in oanhâld.

L y s :

Forhip dou! hwet tinkst' wol? Dat ik great mei de boer bin? Der haw 'k myn goede namme to leaf ta.

M a e i :

Frjeunlyk wêze of great meinenoar wêze, der is noch al hwet ûnderskied yn, Lyske! Dat witte jou ek wol, nou? Dat jou net great mei him binne, och, dat ljeau 'k wol graech. Hij scil noch wol *hwet* smaek hawwe!

L y s :

Ik bin dyn wize, smeulske praetjes beu, hjer !
Leechje de koer mar, dan gean ik wer foart.

M a e i :

Dan scille wij dat mar dwaen, hwent ik wol graech
goe frjeun mei jou bljúwe. (*Hja giet ôf mei de koer.*)

L y s (*giet bij de tafel sitten,
lûkt it tafelslaed op en seit súnig*) :

Scoe der ek ris hwet fen myn gading wêze ? (*Hja
nimt de skjirre yn 'e hannen.*) Min kin ek langer
neat fortelle, of dy smoarge faem sûcht er hjar fenyn
wer út. Hja wit er lykwol dochs neat fen. Ja,
Wobbe komt to mûk wol ris bij mij. Hwet scoe
dat ? In earm minsk' moat ek libje. Mar scoe dy
flarde der hwet fen ôfwitte kinne ?

Oan hjar praetsjes to hearren, scoe min er oan
twifelje ! 'k Woe oars net ljeafst, dat hja it wist ;
dat scoe troch de bûrren fleane. (*Hja sjocht om hjar
hinne en stekt de skjirre hird yn 'e bûsse, hwet
Maei, dy krekt mei de koer yn de iene- en in kop
mei barndewyn mei resinen yn de oare hân opkomt,
krekt sjocht.*)

M a e i :

Hjir is de leege koer wer, de frou hie 't net oan
tiid om by jou te kommen. In leppelfol barndewyn
mei resinen scoe jou wol forkwikke kinne, tocht
hjar. (*Hja jowt Lys de kop oer.*) Nim er mar in
goede slok út, it kin gjin kwea. De jonge ljue moat
ek ris bidronken wirde, 'oars rêst er tominsten gjin
seine op, n't wier ?

L y s (*scil drinke*) :

Nou, ik winskje de jonge ljue mar folle lok mei
hjar foarnimmen. Jou scille hjarren dat wol oer-
bringe wolle, fortrouw ik !

M a e i :

Ja, dat scil ik wol dwaen.

L y s :

Hja binne lekker, hjer! min scoe jin der hast siik oan drinke en ite. Ik scil noch mar ris prjúwe. Wolle jou ek net ris mei drinke? (*Hja prjúwt wer.*)

M a e i :

Né, ik haw er noch gjin sin oan, ik kin hjoed wol genôch krije. Jou moatte jou net noegje litte. 't Wirdt jou for in miel oanrekkene.

L y s :

Hja smeitsje skoan. Yet ienkear, dan moat ik mar ophâlde. (*Hja prjúwt yette ris tige en giet dan opstean en kriget de koer.*) Moarn Maeike, wolle jou for mij de frou bitankje, en moarn sizze?

M a e i :

Ja wol! (*Wiles Lys foart hiet:*) Ik scil 't net yn 't tafelslaed lizze, hjer! Dat biloaf ik jou. (*Hja laket. Lys skrillet en sjocht brimstich om, mar giet foart.*)

M a e i, (allinne:)

As men so'k folk fortrouwe scoe, dan rekke min for goed yn 'e aep gelozjeerd. De frou bigunstigt hjar tige, en ta tank derfor stelt hja ús skjirre. Moai dat ik it krekt noch seag, en hja wit nou, leau ik, ek dat ik it sjoen haw. Ik scil it hjar op 't gewisse trjúwe, der kin hja steat op meitsje. As hja it dwaen kin, dan scil hja sa wiis wol wêze om to soargjen dat de skjirre wer yn 't laed komt. Mar skea krijt hja er yn alle gefal fen. (*Grytsje ropt by de doar: »wol Maei Dyntje efkes ta hjar hier helpe?« Maei ôf. It toaniel is in amerij leech. Dernei komt Wobbe op, yn 't swart, mei de heeche hoed op. Hÿ seit:*)

Nou scil ik dan gau as trouwd man to boek komme to stean, en in leaf, smûk, kreas wyfke krije, dat ik hawwe woe. Myn oanstearde skoanâlders hawwe er wol tige tsjin ynlein, mar ik hie se yn 'e macht, en hja woenen 't op 't lêst wol leauwê; hja moas-

ten yn 'e sûre apel bite. (*Hij glimket.*) Klaversma, myn oanstearde skoanheit, kin nou dochs ris sjen, dat as min jild hat, min dan ek in oartsen yn 't ponkje smite kin. Min kin wol mei greate wudden pronkje, mar dy bitsjutte allegearre neat, as de ryksdaelders rammelje; en dy er dan om forlegen is, is wol to brûken. Jild makket de ljue sa njuet as hinnen op it lêst.

Dyntsje naem ek de wiiste wei; hja koe omme gjin better party dwaen; oerfloed fen alles scil hjar wol gau blier sjen en laitsjen leare.

'k Scoe lykwol ljeafer sjoen hawwe, dat hja safolle net fen dy Sjouke hâlden hie; mar hwet maelt mij dat ek. (*Laitsjende.*) Hij giet hjoed nei de Oast, der scille de Atchineezen, of de berri-berri-siikte him wol gau to pakken hawwe; hja sjocht him dan nea wer, en dan forjit it al gau. 'k Haw wol mear mei frouljue omgong, 'k wit wol ho min hjar bêst paeje kin. As hja mar pronkje kinne, dan binne hja wol to brûken..... Nou, 't is ek like folle: as hja de hoarnen yn de wâl stekt, dan scil hja ûnderfine, dat ik net sa mak bin. Baes bin ik en wol ik bljúwe, al scil de ûnderste stien ek boppe.

Jochem, (*mei in pak op 'e rêg, komt op.*)

Moarn boer! Ik wier oan dizze kant mei 't pak, en nou tocht ik: as 'k de boer hjoed net filesetear, dan koe hij mij dat ris kwea nimme. (*Hij knijt Wobbe bij de hân.*) Fen herte winskje ik jou dos lok mei jou foarnimmen, en ik hoopje dat je ûnder 's Hearen seggen folle wille yn jou houlik smeitsje meije. Jou oanstearde sjoek ik net, jou wolle 't wol tsjin hjar sizze, tocht ik?

W o b b e :

Tanke wol, Jochem! Ja, dat hoopje wij. Dyntje is oan 't klaeien, ik wie hwet gau klear, hwent as er soks hwet op til is, bin 'k hwet hjit gebakerd. Kom, jou moatte ek in slok hawwe, hwent oars rêst er to minsten gjin seggen op. Doch it pak mar fen

de rêg. (*Hij ropt twisken de skerms:*) Wol Maeike hjir de kop mei barndewyn mei resinen bringe, goed fol?

J o c h e m, (*docht it pak fen de rêg.*)

Ja, in slok heart er bjj; net dat ik der sa'n great ljeafhabber fen bin, mar ik wol de boer wol graech eare oan dwaen.

M a e i, (*bringt it bestelde en giet hwer foart. Wobbe prjûwt earst en jowt dan in greate wite kop, mei in leppel er yn, oan Jochem.*)

W o b b e:

Jo moatte jou er mar goed fen bitsjinje, as se jou smeitsje.

J o c h e m, (*prjûwt:*)

Nou, dat scil wol gean, tinkt mij. (*As er preaun hat:*) Hja binne lekker, hear! as de jonge frou se klear makke hat en alles der neffens is, dan scil it wol goed komme, tinkt mij. (*Hij prjûwt al wer.*)

W o b b e:

To! jou moatte better oanpakke, ien leppelfol helpt sa'n greate kearel as jou neat, jou moatte twa nimme.

J o c h e m, (*drinkt mar oan en nimt twa leppels fol:*)

Ik wit, jou gunne it mij wol, mar op de nochteren mage kin min net folle forneare.

W o b b e:

Sok goed kin gjin kwea, jou krije se fen ús trouwfeest net wer, dit is de lêste kear.

J o c h e m, (*drinkt troch:*)

Dat scoe min tominsten mar hoopje. Ienkear, as 't goed biteard, is faek genôch, en mij tinkt jou krije in wyfke alhiel nei 't sin.

W o b b e :

Dat hawwe jou goed, Jochem, dat krij ik, en it docht mij goed, dat jou nou om mij tinke en mij jou lokwinsken oanbiede. To! je moatte jou net noegje litte, ik scil ek noch ris mei. (*Hij nimt ek in leppelfol en jout de kop wer oer oan Jochem.*)

J o c h e m :

Siker boer, ik moast oars net mear hawwe. Ik leau de resinen binne yn barndewyn sean, hja binne sa fol.

W o b b e :

Der is krekt noch sa'n stealtsje yn, de kop moat leech, dat heart sa. Hwet oerbliúwt forskimmelt.

J o c h e m :

Nou, der hawwe jou gelyk oan, boer! der is 't to goed ta. Min kriget it alle dagen ek net, min scoe sa wol in sûper wirde kinne. It scil hjoed wol licht rinne. 'k Leau wrichtig dat ik it al fiele kin. (*Hij strykt him om 'e holle.*) Scil nou strak de trouwerij wêze?

W o b b e :

To! jou moatte it stealtsje er út nimme! Ja, om toalf ûre hinne, scil de trouwerij wêze.

J o c h e m :

Giet de jonge frou dan ek dalik mei? (*Hij drinkt wer.*)

W o b b e :

Net earder as joun, wij scille eerst hwet brulloft hâlde.

J o c h e m (*hij wirdt al hwet dronken.*)

No, sjea der! hwet in leaf wyfke, ik woe er mines wol oan forruilje, myn wiif wirdt al wat

âlder... der is de measte aerigheid al hwet ôf. Hwet kin se soms likk wêze, likk man!

W o b b e (*hij glimket:*)

Soa! Mar dan scille jou se ek wol pleagje tocht ik. Hja is oars sa'n dea-goed minske.

J o c h e m (*forheard*):

Goed! brrr... der moatte je mar om komme! Langlêsten hat hja mij ris fiele litten ho skerp hjar neilen wienen....do 'k fen Wouters brulloft thús kaem. Doe sei se.... dat ik dronken wie..mar dat leag se.... ik wie sa nochteren as in nût. (*Hij drinkt wer.*)

W o b b e:

Sloech se jou ek?

J o c h e m:

Slaen! (*hij giet stean, rôllet de fûst op, en stuitet tsjin Wobbe oan, dy tichte bij him stiet:*)

Slaen? Dat moast hja fordomd ris bisiikje! Ik scoe se meppe, nou!... Hja driigde mij mei de tange, mar ik krige de pook en do woe hja wol hakken opspylje.

W o b b e (*laket:*)

Dat scil in komeedsje west hawwe. Jou moatte net slaen. Jochem! dat heart sa net, dat wol min fen sa'n man as jou net hawwe.

J o c h e m (*drinkt wer:*)

Min kin se dochs ek net sûnder iten op bed stjûre, lyk as lytse bern..... en hwet scil min se dan dwaen.... as min likk is?

W o b b e:

Dan moat je it hjar mei goede wurden sizze, en ûnder 't each bringe, dat jou de baes fen 't hûs binne en bljúwe wolle.

J o c h e m:

Mei goede wurden sizze!.... O jee! hja seit wol

tsien wudden tsjin ik ien. Hja skelt mij út for alles hwet gemien is en en dan liket it, as hja dien hat dat it praten hja forleard is, hwent dan seit se yn fjirtsjin dagen neat... sûver neat, man! en hat hja de bek mar op to gûlen... Né, myn wiif is in heislik krús..... ik woe wol dat 'k se kwyt wier.

W o b b e :

En as jou se misse moasten, dan scoe 't er nuver bijstean; gûle gjin gebrek, dan stie it er slim foar. Hwet scoene jou rouwe.

J o c h e m :

Min moast wol wat rouwe om de minsken, en as ik het net die..... dan seinen de minsken gau: der sit yn Jochem gjin gefoel mear..... en dat koe mij yn myn negoasje skea dwaen..... mar oars? Né, dan stiek ik de flagge ljeafer út, en die in reade doek..... om, fordomme! (*Hij stekt de fûst op.*)

W o b b e :

To! jou moatte ek drinke; jou forjitte 't, leau 'k.

J o c h e m, (*hij drinkt de kop leech.*)

Ja, boer, ja!

W o b b e :

Nou, de frouljue slaen, der koe 'k nea ta komme; it is so'k aerich goed, tinkt mij.

J o c h e m :

Ja, dat kin je..... nou wol sizze, jou krije ek sa'n smûk, ljeaf wyke, moai en jong, mar as je mei sa'n alde oanpiele moasten as mines..... dan scoenen jou ek wol hwet minder opsprekke..... en as je ek mar in skoftsje trouwd west hawwe, dan scille jou ek wol gau ûnderfine dat it *alltyd* gjin rys mei resynen is..... mar faek groat mei krôde. (*Hij laket.*)

W o b b e :

Underfining is de beste learmasteres, seit it sprek-wird, en sa scilt mij ek wol gean.

J o c h e m , (*skept út de leege kop :*)

Ik ik miende dat er noch hwet yn wier.

W o b b e :

Wol 'k him noch ris fornjerje?

J o c h e m :

Né, boer, né! dan mocht ik noch to folle krije en dan koe 'k de pook net fine. Kom, ik moat wol wer foart. (*Hij giet stean en stroffelt oer it pak, sadat hij falt, op hannen en foetten; hij klaauwt oerein, jout Wobbe de hân en seit :*) Nou boer, ik winskje jou yet ris folle gelok mei de lytse.

W o b b e , (*laket tige :*)

Hou, nou binne je de planke glêd mis, Jochem! sa fier binne wij noch net, jou forsinnne je hwet, net?

J o c h e m (*hij stiet te wankeljen en laket :*)

Ei ja! ho kom ik er sa sljucht bij min wirdt ek âlder ik kin sa goed net mear ûnthâlde. Kom, ik mat foart, wolle jou mij efkes helpe om it pak oppe rêg to krijen? (*Hij kriget it pak beet.*)

W o b b e :

Ja wis wol! (*Wobbe nimt it pak en jout Jochem de bannen derfen ûnder it schouder troch. Jochem scil efteroer falle, mar Wobbe keert him.*) Hou, der scoene je hast fallen hawwe. (*Hij laket.*) Jou pak is net lichter leau 'k, as do je kaemen. Jou sjouwe er to minsten mar gewichtig oer. Nou Jochem, it giet jou mar goed, goede negoosje! Hou! jou moatte net sa stroffelje; thús de groetenisse.

J o c h e m : (*strompelt foart.*)

Der scil ik wol foar oppasse, ik jou myn wiif

ljeafer in groetenisse. (*Hij stekt de fûst op.*) Moarn boer, sounens en 't bêste. (*Hij giet foart.*)

W o b b e : (*laket.*)

Jochem scil hjoed wol goed forkeapje, en as er thús komt, ried ik, wirdt er ôfbitelle. 't Is dan freeslyk, dat dy man it tinne goed sa graech mei. It kin der hjoed wol op troch, Klaske scil wol hwet troch de fingers sjen. Hij is divelske bang for hjar. Sa 't min seit, kriget er wolris hwet op syn baeitsje. Nou, hij fortsjinnet wolris in wân, hwent op drank is hij sa slij, dat er wol faak ris mei in poepke yn thús komt. As hja net better wier as hij, dan wier syn pak gou oppe flesse. Hja is in himmel kreas wyfke en past op penning-sekstjin.

K l a e s : (*kom op.*)

As de hynders foar de sjeas slein wurde moatte, dan wird ik effen warskôge boer?

W o b b e :

Ja. De greate swarte moast hwet stiif oanhelje, as er sketten wirdt, haw 'k him hwet better yn 'e macht. Dou hast hjarren noch ris goed fûnder hannen nomd? Pas op dat alles skien en eptich is!

K l a e s :

Moatte de wite binen ek oanbljúwe?

W o b b e :

Nea. die moatte út; dat stiet net. En as wij dan werom komme, dan moast klear stean, en nim de beide hynders mei nei hûs, de sjeas kin letter wol thús komme. Tink er foaral oan dat se skien binne, dat hast wol bigrepen?

K l a e s :

Ja wol boer! Oars ek noch hwet to bistellen?

W o b b e :

Né! (*Klaes ôf.*) Nou, nou, der scil ik de boe-

ren hjoed de eagen ris mei útstrike! Mei de bûgelsjeas trouwe! En dan sa'n moai span swartsjes er foar, dy de kening gjin ûnear oandwaen scoene. Hwet scil dat deftig stean. Hwet scille se 'r de eagen for opskûrre! Mar ik mei wrichtich wol ris yn de keamer sjen, as se klear binne; it wirdt mei gauwens tiid om yn to spannen. (*Wobbe ôf. It toaniel is in eagenblik leech, dan komt Dyntsje yn breidsklean op, ienfaldig yn 't swart, hja giet mei de hân oan 'e holle bij de tafel sitten.*)

D y n t j e :

De keninginne fen de dei myn trouwfeest! Nou is 't dan sa fier, dat it wêze scil, de breidstoai oan, dy mannich faem sa lokkich makket, dy sa folle in laits op it antlit bringt, omdat se hjar hertewinsk, hweroer hja faek tochten, hweroer hja droamde, bij dei en nacht, forfold sjen scille. De breidstoai, hwer sa for skrept wirdt, om se oppe tiid klear te krijen, dy past en wer past wirdt, om dy dei, dat se dragen wirde scil, foaral epstich to sitten. De breidstoai, hweryn de bân sletten wirdt, dy it lok fen mannich faem forheechet en folmakket, mar ek soms it kleed, hweryn de bân sletten wirdt, dy alle libbenswille smoare scil. O, bliere tiid, der ik ek sa faek oer tocht en oer mimere haw, dy ien fen de lokkigste dagen yn jins libben wêze scoe, hwet haste mij bidragen. Hwet wirdt op dy iene dei, dy inkele ûre it libbenslot fen follen bisset, — hwent gean al folle mei 'in laits op it antlit in libben tomjitte, hwer min fen iise scoe, — hwet wirdt er folle bijenoar keppele, dat net bijenoar heart. Hwet in ûnk, hwet skande, hwet disharmonije wirdt yn dy ûre soms bisegele. Scil dat ek myn lot wirde? Scil mei de doar fen bikommernisse ek de tagong iepene wirde fen myn ûnk en leed? As de leafde eltse forbyntenisse slute moast, dan hie Wobbe hjoed ek net oan myn side stien. Slût ik strak de hân yn sines, dan sprekt myn hert net fen leafde, mar fen ôfkear, — dan is de waer forkoft. Sjouke scil mij forachstje! Ik keapwaer!

ik, dy de holle sa heech hâlde, en in oar om 't selde wol ris hird foel. Mar lit mij der net mear om tinke. Lit mij in blier gesicht sette, wyls it herte brekt; it is myn trouwdei ommers? Myn trouwdei! (Hja bljûwt stil tinkend in haart stean.)

W o b b e, opkommende:

Kom, is de pé al oan? Swarte klean steane jou tige moai, hear! Nou sjoch ik dochs ris in blier gesicht. Ei ja, as wij mar ienkear bijenoar binne, dan scil dat wol gou hwet wenne, hwet seistou oars?

D y n t s j e:

Ei ja, dat scil licht wol gean, as wij elkoar hwet tajowwe, dan scil dat wol goed komme.

W o b b e:

Nea hie 'k tocht dat it mij 't slachje scoe, ho ik er ek nei winske, dat stou myn wiif wurde scoeste. O, Dyn! hwet scil ik greatsk wêze op sa 'n leaf, smûk wyfke. (*Hij kriget hjar om 't skouder baet.*)

D y n t s j e:

Pas op! Wês mar net al to grien, it is de bruloft en dan kin 't hwet lije, mar 't wol letter wol ris hwet ôffalle.

W o b b e: (*glimkjende.*)

Jawol, mar hjoed is 't dochs alles nocht en wille hwet er oan is. Wij steane hjoed op de heechste treppen fen de libbensljedder, 't is hjoed allegearre sinneskyn en moai waer.

D y n t s j e (*suchtet djip:*)

Ei ja, lit ús mar gjin soargen foar de tiid hawwe. Stoarmen binne en komme er genôch yn 't libben, en scille ek ús deel wol wurde.

W o b b e:

Nou, hân yn hân, elkoar it libben sa goed to meitsjen as 't kin, scil fen myn kant altyd it doel

wêze. En fen dij ek, is 't net wier? Dan scille wij dizze dei noch ris mei nocht neitinke kinne, oars?

D y n t s j e :

Der scil 't fen myn kant wis net oan mekearje. Mochten de beloften op dizze dei jown, altyd mar folbrocht wurde. (*Nei in lyts amerij stille:*) Scoene er hjoed ek mear mei ús trouwe scille?

W o b b e :

Ja, de dochter fen skilige Beits en Pibe.

D y n t s j e :

Ek mear?

W o b b e :

Mear wit ik net. (*Nei 'n poaske stille:*) Scoene de âlde ljúwe hast klear wêze?

D y n t s j e :

Ja, dat tocht ik al, heit scoe niis de heeche hoed fen de souder helje, en mem wier ek sa goed as klear.

W o b b e :

Jochem kaem hjir niis, om ús to filesetearjen, mar hij is net oan dij [takomd, do wie er al sa swier-settig, dat hy scoe al efteroer op de flier lein hawwe, as ik him net keard hie. Ik haw him ris trak-tearre; der hat er de hiele dei wille fen.

D y n t s j e :

Hie er al wer to folle drank, of hat er 't hjir krige?

W o b b e :

It smakke him sa skoan, hij hat de hiele wite kop leech himmele. (*Dyntsje skodhollet en sjocht Wobbe forwitend oan.*)

Klaversma en Grytsje komme op.

K l a v e r s m a :

Kom, jimme wiernen al earder klear as wij. Ei ja, dy 't mearste bilang by de saek hawwe, binne gewoanlik it gaust er bij, hé?

G r y t s j e, *nimt Dyntsje bij de en seit:*

Nou bern, ik hoopje, dat dizze dei ús mar lok oanbringe mei, dat hij jimme nea birouwt, en dat jimme yn frede en foarspoed libje meije. It waard ús bij it trouwen ek troch mannichien, en ik fortrouw út in goed hert, tawinske en as 't jimme giet as ús, dan is dizze dei ús allegjerre ta 'n seine.

K l a v e r s m a :

Dat wolle wij hoapje. Ho folle binne sa 'n dei mei fortrouwen tomjitte gongen en twifelen er sels net oan, of it wie ynerlike leafde, dy hjarren forboun, doch dy letter oars ûnderfoun hawwe. Dizze les wol ik jimme fen herte meijaen en nim se yn tank oan: Yn foarspoed meyenoar te kinnen is gjin greate kinst, mar as 't ris tsjinstribbelt, dan komt it mear op de man oan, en tink dan, dat de leafde, dy jimme forboun, heecher stean moat, dan alles hwet om jimme hinne bart; dat yn it elkoar goed bigrypen ek mearst it forjaen en elkoar fordragen opsletten is. As dat altyd mear for eagen hâlden waard, dan bleauw de genegenheid foar elkoar langer en ealer biwarre, dan nou bij in hopen ljue it gefal is.

W o b b e :

Dat scil ik, sa folle as ik kin, altyd bitrachtsje, dat belooft ik jou!

G r y t s j e :

As dat sa is, dan fortrouw ik wol dat Dyntsje hjar bêst ek dwaen scil, om de hûslike frede en iensgesindheid to biwarjen en to forsterkjen.

D y n t s j e :

Dat haw ik foar mij nomd.

Klaversma:

Dan wolle wij dat mar yn fortrouwen tomjitte sjen. Mar dit woe 'k er yette efkes bij sizze en it kin syn foardiel ha: dy trouwt forliest folle, hweryn er nou wille en genot fynt. Hij moat in bulte farwol sizze; hy moat fen dy tiid ôf oan syn oanhâld yn it hûsgesin siikje, en dy in goede frou op side hat, dy scil it der ek fine kinne. Dat moat foaral it streven fen de frou wêze, hja moat begripe, dat hja it hûs hûsselik meitsje moat, en net yn alles hjar eigen sin trochsette. Wij wolle hoapje, dat dit Dyntsje slachje mei. Mar it wirdt leauw 'k tiid fen ynslaen.

Grytsje:

Dyntsje, hast' dyn wanten bij dij?

Dyntsje:

Ja mem, dy haw ik al.

Klaversma: (tsjin Wobbe.)

Wolle je ek in sigaer opstekke?

Wobbe:

Né, tankje, 'k scil mar net rooke. Mar hark, hwet is dat? (*Min heart yn de fierte sjongen it earste fers fen eftersteand liet.*) Hwet scoe dat wêze? O ja, nou wit ik it wol: fen 'e moarn binne der twa fen it soldatefolk hjir kommen, ik tink dat hjoed de Oasterlingen foartgeane. (*Dyntsje skrikt. It sjongen komt geandewei neier, min kin 't krekt forstean, natúrlyk bûten de skerms. Klaversma, Grytsje en Wobbe geane nei it finster. Nei 't sjongen fen it twadde fers, seit Klaversma*): Der is Sjouke dan ek bij, 't griist mij dochs oan om dy fint, en ek om syn âlden. 't Wier altyd sa 'n goede, wolmie-nende, earlike, oprjuchte jonge. Wij hawwe him sa faek bij ús hawn, 'k scoe him for 't lêst dochs noch wol ris sjen wolle.

Grytsje:

Ja, ik ek wol!

Wobbe:

Lit ús dan bûtendoar gean, hja komme hjir dochts foarby. Om myn part sjoch ik him nea wer en pakke de Atsjineezen him yn. Giest' ek mei, Dyn?

Dyntsje:

Nè, ik bliúw hjir mar, ik haw him sa faek al sjoen. *(Hja hat yn 't lêste skoftsje stiif foar hjar del sjoen, en hellet nou de bûsdoek út de bûsse, hwerestler hja seaft skriemt.)*

Klaversma, Grytsje en Wobbe ôf, de lêste neidat er nidig nei Dyntsje sjoen hat.

Dyntsje, allinne. *Hja is alhiel fen de wize, skriemt en seit, wylst hja sitten giet:*

Der giet er dan nou.....en dat om my.....hat er dat..fortsjinne? Dy goede, bêste jonge? O né! o né!....hwet in edel hert,...hwet earlyk, hwet trou tsjinoer mij en nou?...Hawwe syn âlden him.....net like leaf as mines my? Syn âlden! hwet scille hja my.....forwinskje! *(Hja slacht de hân oan de holle en giet stean.)* Mij forwinskje.....en 'k hie altes for hjarren wêze kind..... Mij forflokke.....forwinskje....O, scoe ik de moardnaresse wirde ten dy ûngelokkige mem. fen hjar soan.....en fen mij sels?.... Mij forwinskje.....! O God, hwet doch ik? *(Hja slacht de hannen gear.)* Sjouke! dij forjitte?....dij forjitte?.... Mij forflokke?....en hij miende 't sa goed mei mij....Forjitte? Né!..... Mij forflokke?.....Sjouke!! Sjouke!! *(Hja scil efteroer falle, mar krekt komme Klaversma, Grytsje en Wobbe op it toaniel. Wobbe heint hjar yn syn earmen op. Wyls heart min hwer it sjongen, dat geandewei fjirder ôfgiet. Dermei*

falt it Gordyn.

WIZE: „*Do Lubbert om in wiif yet sochte*”.

Hwer wij sa faek op boartten, djoeiden,
It plak der mem ús widse hat,
Hwer wij ta stoere jongens groeiden, } *Twakear.*
O né! dat plak forjit ús net!

Der, hwer de fryske fammen songen,
Towyl hja rêsten oan ús hert,
Hwer wij mei hjarren dounsen, sprongen, } *Twakear.*
O né! dat plak forjit ús net!

En moatt' we 't famke-ljeaf forlitte,
Hjar byld forlit ús sinnen net,
Wa scoe syn ljeafste pân forjitte? } *Twakear.*
O né, 'k forjit myn famke net!

En al wirdt fen Eastinjes strânnen
Us stimme net yn Fryslân heart,
Dochs roppe w' yn dy fiere lannen: } *Twakear.*
'k Forjit, myn faem, ek hjir dij net.

TREDDE BEDRJUW.

It toaniel is de keamer fen Wobbe en Dyntsje.

*D y n t s j e, (sit mei de hân oan
de holle en it breidsjen yn de skirte bij
de tafet en seit):*

Min scoe siker slieprig wurde, jisternacht wier
't healwei ienen en fen nacht ien ûre doe er thús
kaem, beide kearen wer mei in goede roes yn. En
koe min dan foart mar nei béd gean, mar né, dan
earst de boel noch fiks yn oproer, troch 't bûthûs
fleane, krek as er gek is, de feinten útflokke, om
allerhande nietigheden, en dan de feinten lik, him
forwinskje en forwitingen dwaen, en dan draeit it
op 't lêst op mij út. Dat er alles fen mij seit hwet
gemien is, dat hear ik net mear, dat bin 'k al
wend; och! dat hindert mij net; mar dat er myn

âlden sa forwinsket, dy him dochts gjin strie yn de wei lizze, dat docht mij tige sear. Sa wirdt it sliepen nachts net folle en moarns moat 'k er al yntiids wer bij. Moast hij er dan ek foart mar mei mij ôf, dan scoe er jouns wol yntiids thús komme, mar né, dan sliept er de rûs goed út en sjocht min Wobbe net earder as njoggen ûre, healwei tsienen, forsúterd en likk; dan wer in súpke om bij de tiid to kommen, sadat er eigentlyk nea nochteren is en bijnei nea goed to sprekken. En hwet in lêst, bûtendien. 't Is fen sels, de boden wolle hjarren net útflokke litte, hja litte jin de hakken sjen en dy min al hâld binne mearst neat better as de boer sels. (*Suchtsjende* :) Ja, ja, myn libbenspaed is net mei rosen bistruid, de moed giet er wol ris út. Ik moast him nea nomd hawwe, seit min wol tsjin mij, mar och! ik miende myn âlders to helpen en ik miende him, as wij mar ienkear trouwd wiernen, mei goedens wol torjuchte to bringen. Mar 't is allegearre bûter oan de galge smard. Mei goedens! och heden, scil ik mei goedens him ûnder 't eag bringe, dat hij syn libben fjornielt; dat wij folle wille hawwe koenen as hij goed oppaste en thús bleauw, dat wij earm wirde scille as hij sa foartgiet en de saken forwaerloast, — och, dan bigjint er to skellen en to razen, en docht mij en myn âlden de freeselijkste forwitingen. Dan moat 'k mij wol ris útskrieme, en dan komt altyd de byldtnis fen Sjouke mij foar eagen, ho goed en edel dy altyd tsjin mij wier; dan tink ik hwet libben ik haw en hwet ik hawwe kind hie mei Sjouke. O, o! hwet in lot! En as 't sa foart giet, dan wirdt it yette slimmer, dan wirde wij ek noch sa earm as in lûs. Us beide pleatsen binne al forhypotheeke en juster kaem ek al in doarwaerder oan hûs, dat binne gjin goede teikens. Hij fortelt mij neat, mar derom tink ik mines wol. Hij wol it jild, dat myn âlden fen him brûke, opeaskje; ik haw dit ont nou ta noch keare kind mar stil! komt mem der net oan? (*Hja sjocht yet ris ta it finster út en krijt in stoel en set dy bij de tafel del.*)

G r y t s j e, (*opkommende* :)

Dag Dyn, ho giet it mei dij ?

D y n t s j e :

Goed mem ! Is 't thús ek goed ?

G r y t s j e :

Best op stap, de groetenisse. Mar hwer is Wobbe ?

D y n t s j e :

Dat wit ik net; hij is fen 'e moarn foart gien, om in boadskip, sa 't er sei mar hwet dat wêze mei, wit ik net. Letter hat er him forklaid en is er wer mei de sjeas foartriden.

G r y t s j e :

Komt er noch al sa faek dronken thús, en is er dan noch sa lilk en dwars ?

D y n t s j e :

Och ! dronken mem, dat kin 'k just net sizze, mar wol ris dat hij to folle hat en dan is er meastentiids ongemaklik en lilk. 'k Doch er sa folle war op, om dat oars to krijen, mar 't helpt net 'n byt, hij wol net nei mij harkje. 'k Leau dat er him tsjinwirdich ek hwet yn de holle ompopelt, hwent hij komt hast alle jounen let thús, en hat altyd drank hawn. Hwet it wêze mei, wit ik net, mar 'k bin bang, dat ús saken sa goed net steane, as hij bij it trouwen ús wysmakke hat. Jochem Pak is folle mei him op'e sjou. Da's ek in ljeafe jonge; ûnderfyn ik hwet, dy syn wiif ûnderfynt hjarres ek wol.

G r y t s j e :

»Soart siket soart,» seit it sprekward en as Jochem op in oar syn bússe tarre kin, dan is dat just syn man. It helpt dan ek al net in byt, as de frouljue boas binne, hwent dat is Jochem syn wiif oars wol. Wobbe hat ús ek al wer oan west om it jild, dat wij fen him to lien hawwe.

D y n t s j e :

Dan scil 't wol om jildsaken wêze, dat him de holle mealt. Wier dat dan mar wer foarelkoar, hwent it is sa hast net út to hâlden.

G r y t s j e :

Ik leau wol dat astou Sjouke nomd hieste, wij wizer dien hienen as nou. 't Is nou oars neat als lijen, en hwet scil er noch fen komme? Dou moast mar moed hâlde, fanke! it ein scil de lêst drage. Bihandelje him goed, licht komt er dan ta ynkear en lit er noch ris ienkear de drank stean.

D y n t s j e :

Dan scil er wol hwet bysûnders barre moatte. Ik haw sokke minsken faek biklage, mar nea hie 'k tinke kinnen, dat it sa 'n krús wier. Min bihir-det er to 'n lêsten yn, alle dingen wenne en min wirdt er hwet ûnforskillig ûnder. Kom! ik scil de koffje ré meitsje, Wobbe scil dalyk noch net thús komme, en dan kinne wij aerdig hwet byenoar sitte.

G r y t s j e :

Heit scoe earst ek mei komd hawwe, mar hij krige drokte. Wel stom! nou haw 'k de lape goed noch forgotten, dy 'k for dy koft hie.

D y n t s j e :

Ik haw er ek noch gjin forlet fen.

G r y t s j e :

Mar hwet 'k sizze woe: fen 'e wike fortelden se, dat jimme beide pleatsen wiernen sa forhypotheeke, dat se moasten yn 't koart forkoft wurde. Ik waard er hwet ûngerêst oer en derom kom ik hjir eigent-lyk ek om dij der ris nei to freechjen. Ik scoe nou oan dy wol sizze, dat er hwet fen oan is.

D y n t s j e :

Dat wij in bulte jild fen in oar brûke, leau ik

wol, wij hawwe tominsten faek it jild krap. Hij fortelt mij lykwol neat, mar 'k fornim wol ris hwet. Ik haw ek al ris in sommaesje fen in doarwaerder yn de sikkretaire lizzen sjoen. Doch der sa folle west hat, scil alles noch net opwêze, tinkt mij. Hij fordocht in bulte en dan mient er soms ek noch dat er tige kloek is, tominsten mij gunt er hast gjin hûshâld-jild.

G r y t s j e :

Sa binne se mearst, dy sûpers. As se thús komme en de leege jildpong nei sjochge, dan bigruttet it hjarren dat se safolle onnut fordien hawwe en dan moatte de frouljue it wer ûntjilde.

D y n t s j e :

En elk wit wol fen sokken to toppen, as se dan in rûs yn hawwe. Fine Lys wol 'k leauwe, libbet for in great diel ek út Wobbe syn bûsse, dy wit it him mei hjar flaeierije en fine streken moai ôf to trocheljen.

G r y t s j e :

Ja, dy dogenet, dy hjar hannen net thús hâlde kin, dy is ta alles yn steat. 'k Mei dat wiif foar myn eagen net sjen.

D y n t s j e : (*sjocht ta it flinster út.*)

Mar sjoch ik der ús sjeas net oankommen? Ja, wrichtich, der is er al! Hwet komt er nou bitiid thús. Ja wol, Jochem is al wer bij him.

G r y t s j e :

Kom, dan gean ik mar foart, hwent as er in stik yn hat, scil er wol wer lik wêze, en tominsten as er mij sjocht; de manljue hawwe mearstal it hekel oan de skoanmemmen en *hij* foaral.

D y n t s j e :

Bljúw derom mar gerêst sitten, mem hat him om-mers neat misdien, en hij komt nea sa bitiid thús, it koe nou ek wol ris goed mei him wêze.

G r y t s j e :

Né, ik gean dochs mar foart. (*Hja wol gean, mar wiles komt Wobbe hjar tsjin. Hij is licht dronken.*)

W o b b e, (*tsjin Grytsje:*)

Soa âlde, bistou hjir ek wer om de boel mei op to fretten? Hwet dochste hjir? Ik haw dij hjir net noege wol? Gean dos mar wer nei dyn eigen soadsje.

G r y t s j e :

Man, hwet miskearret jou? Ik liz jou neat yn 'e wei wol? en ik rin jou drompel net swart? Hwet hawwe jou mei mij to meitsjen? Mar as ik jou hjir to folle bin, dan scil ik wol foartgean. (*Hja sjocht om hjar hinne.*)

D y n t s j e :

Mem misdocht jou ommers neat, Wobbe; hwerom skelle jou hjar út? Hwet hawwe jou op hjar tsjin? Hja kin thús wol iten krije. Hja yt ús tominsten net op. Mij tocht, dat jou ek hwet mear fatsoen leard hienen, dan om sokke wudden tsjin hjar te sizzen.

W o b b e, (*tsjin Dyntsje:*)

Hwet forrekt mij dat? Ik bin baes yn myn eigen hús en scil er yn noadsje dy ik sels wol; dou hoeft' se mij net oan to wizen. (*Tsjin Grytsje:*) Dou hast wol heard, hwet ik sein haw, nou? ik wol dij er net ljeafst útsmite.

G r y t s j e, (*lilk:*)

Dat scoe 'n je ek wol net dwaen kinne, as je sa folle jenever hawn hawwe as nou. Foai! skamje jou hwet. Tink jou net om jou wiif; mar foaral om jou sels? Hwet moatte de gefolgen wirde? Skamje jou hwet! Der útsmite hoeve jou mij net, ik scil wol gean, en kom hjir foarearst net wer. 'k Scil jou boel net mei op-ite, it scil hjir troch dyn dwaen oars wol opreitsje.

W o b b e, (*driigt hjar :*)

Forrek dou! Scilst' nou ek gean? Ik wol fen dij gjin praetsjes mear hearre. Ik scil jim' opsitten leare, ik wol myn jild werom hawwe, earme skobberts!

(D y n t s j e *skriemt.*)

G r y t s j e, (*giet ôf, en seit tsjin Dyntsje :*) Dach Dyn! Skriem er net om fanke, 't scil wol wer bi-darje. (*Of.*)

W o b b e en D y n t s j e :

D y n t s j e, *krijet him bij de hân en seit :*

Och Wobbe, hâld op! hâld op! Mem mient it sa goed en misdocht jou ommers neat, hwerom jeije jou hjar foart? Hja is sa goed for ús en wol dwaen hwet wij sizze. Gean hwet lizzen en sliep jou hwet út.

W o b b e, (*skoert de hân los :*)

Ik haw dyn sedepreken net nedig. Mienst' dat ik dronken bin? Fordomme, ik scil sels witte wa 'k hjir hawwe wol of net, der hoef ik dij net nei to freechjen. As 't dou it net mei mij ôfkinste, ruk dan ek mar út. Ik kin mij bûten dij bêst redde. Op-frette de boel, dat kinn' jimme en as min er hwet fen seit, dan daedlyk de bek mar op to gûlen. Dat haw 'k sa faek al sjoen, tinkst' dat ik mij derom foroarje?

D y n t s j e :

Och, ik wol wol dwaen hwet jou tinke, ik doch jou ommers neat gjin lêst oan, mar as it sa langer moat, dan wit ik mij gjin rie. (*Hja skriemt.*)

(*Jochem komt op, ek min of mear dronken.*)

W o b b e, *tsjin Jochem :*

Myn wiif hat it op de senuwen, Jochem! (*Hij laket.*) Sjoch ris: trienen as balstienen, is 't net in griis?

Hawwe jo myn skoanmoer wol rinnen sjoen? Hja naem hakken op net? Hja hat de baerg ringjen sjoen, en doe miende se dat it oan hjar ta wier. (*Hy laket.*)

J o c h e m :

Ja, ik tochte: hwet skilt moeke, hat hja in kies loeke litten? Sa sûr seag hja.

D y n t s j e , *tsjin Wobbe*:

Is myn mem jou hjir yn 'e wei as hja komt, ik kin mij tominsten net begripe, hwet sa'n man as Jochem hjir docht. Hij bringt dan tominsten de boel er mei troch. (*Tsjin Jochem*.) Ik scoe mar nei myn wiif en berntjes ta gean, dat stie jou frij hwet fetsoenliker as hjir heal dronken to stean.

J o c h e m :

Stean ik jou hjir yn 'e wei frou, dan scil ik wol gean. Mar wij scoenen earst noch in romerfol hawwe, net boer?

W o b b e , (*tsjin Dyntsje*):

Ik haw dij niis al sein: wa ik hjir hawwe wol, scil ik sels witte, der freechje 'k dij net nei. Helje mij de flesse mei drank en in pear romers.

D y n t s j e :

As je mear drank hawwe wolle, helje dy dan sels mar, ik doch it net, jimme hawwe genôch hawn. Och to, Wobbe, gean hwet lizzen, dan kin Jochem ek nei hûs gean; hwet hawwe jimme er oan om nou mear to drinken?

W o b b e :

Drank wol 'k hawwe, ik haw 't Jochem biloofd; scilste 't ek helje? Siz!

D y n t s j e :

Ik net! Alles wol ik for jou dwaen, mar dit net, dat stiet fêst!

W o b b e : (*Hij wol hjar in trieuw jaen.*)

Scilst' it ek dwaen? Ik siz it gjin tweintich kear, der kinst' mar op oan.

J o c h e m :

Foi boer, jou moatte jou frou net slaen, hja is sa'n dea-goed minske. (*Hij laket.*)

W o b b e , (*lilk :*)

Dat scil ik sels witte, for den donder, dat hoeft mij net to biletten!

J o c h e m :

Nou boer, dan scille jou sels de flesse wol helje moatte, oars krije wij it net.

W o b b e , (*tsjin Dyntsje :*)

Ik scil it dwaen, mar dat scil ik dij bitelle sette, der kinst op oan. (*Hij wol gean.*)

D y n t s j e , (*keart him tobek :*)

Och Wobbe, doch it net, doch it net! Och wêz wizer, doch it net!

W o b b e , (*trieut hjar fen siden :*)

Ik scil sels to witten hawwe hwet ik doch. (*Beide ôf.*)

J o c h e m , (*allinne :*)

Ha! ha! ha! In moaie komeedsje, mar wij krije doch in hufke! Né! de frouljue moatte gjin baes, dat jowt in forkearde wrâld. As myn wiif wist, dat ik hjir oan de bitter kaem, dan scoe 't ek net bêst stean. Ik haw hjar wiis makke, dat ik hjoed de boer op moast. Ha! ha! ha! sa moat hja forrifele wirde. It kostet mij neat, en ik krij noch faek hwet jild ta, hwent as de boer dronken is, wit er der neat fen hwet hij docht, en as er dan jild wikselje moat, dan bin 'k syn kassier! (*Hij sjocht om him hinne, as er ek lûstere wirdt.*) Och nou, dy 't kwyd wêze wol, moat ek hwet kommisje-jild jaen. Dat heart sa. Hij hat fen 'e moarn wer jild bard, haw 'k sjoen, dat hat er noch bij him, der moat ik oars ek hwet

fen hawwe. Earst noch in hufke bitter of kleare, hwet de tiid mar seit en dan moatte wij togjerre mar wer op sjou. Kom, der komt er al wer oan. Nou, hij hat wol hwet ûnder de koark, liket mij ta.

W o b b e : (*mei in flesse en in kopke.*)

Ik koe gjin romers fine, alles is hjir ek altyd wei, mar mei in kopke scille wij ús ek wol rêdde.

J o c h e m :

Jawol boer! Ik haw' 't wol ris út in skoech hawn. Nou, ik haw wol wer sin oan in dripke, jou ek wol, net? (*Hja geane sitten.*)

W o b b e , (*skinkt yn en drinkt.*)

Nou, sjea der! dat smakket noch better as út in romer. en er giet hwet mear yn.

J o c h e m :

Jou hawwe lekkre drank, boer! Hwer keapje jou dy, sokke scoe 'k ek wol ris hawwe wolle.

W o b b e :

Ik kry se bij it fetsje fol út de stêd. Jou kinne wol ris hwet fen mij oerkrye.

J o c h e m :

Nou, sa soe 'k wol graech wolle, min kryt it net sa faek, en for in inkele kear wol min dan ek wol ris hwet goods hawwe.

W o b b e :

Ik haw dy oars al faek ris traktearre, tinkt mij. Dou bist nea tofreden. (*Nou en dan drinke hja.*)

J o c h e m :

O ja boer, der klei ik yn 't allerminst net oer. Né, as er mear sokke bêste minsken wiennen as jou, dan wier de wrâld er better oan ta as nou.

W o b b e :

Ja, de measte minsken binne sa fûl as foarken

en gunne in oar neat, mar sa lang as ik hwet haw, wol ik in oar ek hwet takomme litte.

J o c h e m :

Der wol ik noch ris op drinke, dat is sa 'n moaie toast, as ik nea earder heard haw. Sjea der, boer! op jou woldijen. (*Hij drinkt.*)

W o b b e :

It mei jou wol bicomme. (*Hij wordt geandewei dronkener.*) Hwet hawwe dy frouljue al in gezanik. Hie 'k mar nea ien nomd, dan koe 'k myn eigen sin altyd dwaen, mar ik wol ek net ûnder hjar pantoffel stean, dat forpof ik.

J o c h e m :

Der hawwe jou gelyk oan, boer, dat die ik ek net. Né, gjin frouljue baes.

W o b b e :

Dyn wiif is al baes, Jochem! der sitste ûnder. Hwet bistou al in sukkel, in stumper. Hwet scilst joun wer hwet op dyn baeitsje krije. (*Hij laket.*)

J o c h e m :

Dat mocht hwet. Hja moat er ris hwet fen sizze, dan scil ik hjar. (*Hij rôllet de fûsten op.*)

W o b b e :

Ha! ha! ha! In dea man op 'e Goezzebrief. Dou trillest' al as 't hjar sjochtste. Ik scil dy strak nei hûs ta bringe mei hynder en sjeas, dan wol 'k dy ûntmoeting ris sjen. (*Hij laket.*)

J o c h e m :

Dat is goed fordomd; slaen it hynder mar foar de sjeas.

W o b b e :

Ja! Ja! nou in heech wud en strak in skiep, dy him slaen en triuwe lit, hwer min himh awwe wol. Ik scil tsjin Klaes sizze dat er yns pant. (*Hij giet*

oerein stean, mar falt wer op 'e stoel del.) Siz dou it mar!

J o c h e m :

Goed boer! (*Hij giet frij hwet stuitrich ôf.*)

W o b b e , (*allinne :*)

Hwet scil de greate man strak lyts wêze. (*Hij laket.*) Nou in great wud en strak hwet op 'e ransel. Dy frouljue binne divels. Ik sit nou ek mei sa 'n akelig wêzen opskipe en dan ek noch mei sa 'n oanhang. Heit, mem, broeren, susters, ja wit ik it? Dat komt hjir mar to iten en to drinken en de boel op to meitsjen, wiles ik skrep om it bijenoar to krijen. Mar ik scil er in skoattel for strike.

J o c h e m , (*komt op :*)

Hij scoe 't dalik klear meitsje, hjer!

W o b b e , (*wol opstean :*)

Kom, dan wolle wij er mar hinne gean. Mar dat stealtsje mat earst út de flesse. Scil ik it er mar út-nimme? (*Hij set de flesse oan de hals.*)

J o c h e m :

Jawol boer! ik haw genôch hawn, it kin sa wol.
(*Wobbe stiet op, mar hâldt him oan de stoel fêst.*)

D y n t s j e , (*opkommende :*)

Och Wobbe, gean net foart. Harkje nou ris *ienkear* nei mij. Siker, ik mien it sa goed mei jou. Och, kom yn de keamer, doch nou ris *ienkear* myn sin. Och, gean net wer foart, bljúw bij mij thús, ik bid, ik smeeke er jou om.

J o c h e m :

Jou scoene mij thúsbringe, boer?

D y n t s j e :

Och, dat kin Klaes wol efkes dwaen as it dochs moat. To Jochem, wêz wizer, och, ried it him ôf.

Maei, (*komt op en seit tsjin Dyntsje*.)

Ik scoe jou de lape bringe, dy de âlde frou hjoed forgotten hie. Mar hwet hawwe jimme hjir bij 't ein? Hawwe wij de pakkedragger hjir ek? Dy sjocht wol sa fleurich.

Jochem, (*stuiterich*.)

Ja Maeike-ljea, wij scoenen noch ris út to riden, wolle jou ek mei? (*Hij wol hjar beetpakke*.)

Maei, (*slacht him op de earm*.)

Hannen thús! dat haw 'k jou faker sein; soks moatte je jou wiif dwaen, mij net.

Wobbe, (*tsjin Maei, lilik*.)

Hwet dochst hjir?

Maei:

Ik scoe ris bij jou sjen, boer. Jou hienen de bokkeprúk op, sei de âlde frou, en sa'n man hie 'k nea sjoen, der wier 'k niisgjirrig nei.

Wobbe:

Dou hoefst mij de gik net oan to stekken. Hwet hast' hjir nedig? Der út mei sokken! (*Hij wol hjar der útfiere, mar Maei bliúwt stean en seit*.)

Maei:

Ik haw myn boadskip noch net dien, en earder gean ik net. Jou binne rare breinroer, boer! hawwe jou ús maet spritsen? (*Hja laket*.)

Dyntsje, (*sunich*.)

Och Maei, meitsje him net lilik.

Wobbe:

Scilstou der ek út gean? Oars smyt ik dij er út, smoarge klitse, dou hast hjir neat to meitsjen.

Maei, (*laket*)

Hark ris boer, der útsmite kin je mij net, der

laitsje 'k om. Pas op myn hannen. Jochem hat se al ris field, en se binne noch allike kreftig as altyd. Kom er net to ticht bij, dan bigjinne se mij to jokjen.

W o b b e :

Der út scilst' er; ik bin hjir baes. (*Hij wol hjar beet krije. mar Maei slacht him fûleindig op 'e earm, dat hij loslit, en rare pynlyk sjocht.*)

M a e i :

Hannen thús! Moat 'k dat nou al wer sizze? Wit je hwet ik hjir eigentlyk doch, boer? Ik scoe de frou mar hwet geselskip hâlde, om, sa lang as jou net foart wiernen, hjar tsjin jou to beskermjen. Binne jou in man for sa'n goed minske? Ik scoe mij hwet skamje, mij dronken to sûpen, en dan yn geselschip mei sa'n útforkoaren fet as Jochem. (*Tsjin Jochem :*) It scil op jou lân waeije, keapman! Elts moat witte, ho 'n gemiene kearel as je binne, dan reitsje jou de nearing kwyt en kinne letter rinne to skoaien, en kandidaet wurde for de Ommerschans. Jimme binne noch minder as bisten, jou en de boer, en as jimme sa wer foartride, dan kin' jim' beide wol dea thús brocht wurde. Nou, folle wier er dan ek noch net wei.

W o b b e, (wol wer op Maei ta.)

Ik scil dij dea-skoppe, aep datste biste. (*Hij wol hjar oanfleane, mar Dyntsje keart him tobek. Wiles ropt Klaes, dat it rydtûch klear is. Jochem krjft Wobbe bij de earm en wol him sa meiloeke, wiles Dyntsje Wobbe ek beet kriget en seit :*

D y n t s j e :

Och Wobbe, bljúw thús, gean moarn ljeafer hinne, och toe! doch myn sin.

W o b b e, (skoert him los.)

Los siz ik dij, of dou krigest in lawibes. Kom Jochem! (*Jochem krjft Wobbe yn de earm.*)

J o c h e m, (*yn it foartgean :*)

Ja boer, wij hawwe hjir lang genôch bij dy frouljue west. Hwet maelt it ús; kom boer! kom! oars wirdt it hynder kâld.

W o b b e, (*yn 't foartgean, tsjin Dyntsje :*)

As ik werom kom, moast de doar iepen hawwe, hear! (*Of.*)

M a e i:

Ik koam de boerinne tomjitte, hja wier raer fen 'e wize, en woe wol, dat ik effen bij jou oanseach.

D y n t s j e, (*sit mei de hân oan de holle :*)

Och! och! hwet is 't al binaud, dat it sa moat It doch sa myn bêst om yn hûs it sa goed en húslyk to meitsjen as ik kin, ik doch altyd syn sin, mar 't helpt mij neat. Ik bin myn ried to'n ein. Koenen heit en mem mij de kost better jaen, dan gong ik nei hûs, hwent sa'n libben kin min net úthâlde. As hij mar net in ûngelok kriget. Klaes doar him ek net tobek hâlde, hwent dan is er gjin ried ta.

M a e i:

As er in ûngelok kriget is 't syn eigen skild en dan wier der net folle om 'e hals. Jou hawwe oars neat as lijen, en hij bringt er sadwaende ek noch alles troch. Ik wit dit wol: as ik sa'n man hie, dan seach ik er net oars om, as hij dea thús brocht waerd.

D y n t s j e:

Foi, Maei! It is altyd myn man; hij ûnthjit mij ek wol ris betterskip, mar as dy Jochem er bij is, dan is 't altyd mis.

M a e i:

Dan moast ik hjir deis ris bij jou wêze. Dan scoe 'k dy gou ôfringje, dat er it weromkommen wol forjitte scoe. Dy skobbert, ik moat him hjir ris wer oantrefte.

D y n t s j e :

Ja Maei, it is better to sizzen as to dwaen, dat scilst' letter wol ûnderfine. Kom, ik scil de lape weibergje. (*Dyntsje ôf.*)

M a e i , (*allinne :*)

Nou as ik sa'n man hie, dan makke ik koarte metten. As ik mei goedens net slachje koe, dan lei ik de tange der op, ik scoe 't him fiele litte. Ik klaude him de eagen út de holle, der koe er op oan. Hwerom wier Dyntsje ek sa blyn. Hja wist it wol, wa hij wier, mar »om der wille fen de smeer, likt de kat de kandeeler" seit in sprekward en sa giet it folle. Mar troude frouljue binne er op sa'n menear min oan ta. Salang as se faem binne, bljúwe se baes oer hjar sels, en sadra de bân sletten is foar de boargemaster, wurde se de slavinne fen de man, en hawwe se neat to sizzen. Dan kin de man oer alles, oer hjar dwaen en litten, ja sels oer hjar jild biskikke, en wol it wiif net goedschiks nei syn pipen dounsje, dan moat it gerjucht him yn alles noch bijstean. As de frouljue de wetten ris mei meitsje mochten, dan scoenen se for dat ûnrjucht gou in skoatteltsje strike. Mar as ik in man krij, scil ik oppasse dat ik him lije mei. Hij moat foaral drankfrij wêze, en in pear goede hannen oan de lea hawwe, dy arbeidsje kinne en wolle.

K l a e s , (*opkommende :*)

Dan moast mij hawwe; better kinst nea krije, dat wist wol! Dou hast sin oan mij, dat wit ik, hwent dat hast mij sa faek al forteld. Dronken haw 'k nea west, wol ris in lyts snipke ophawn, mar dat bart ek nea wer. En ik haw in pear hannen, dy krekt nei 't wirk steane en dy dij ek wol ris pakke kinne en wolle. (*Hij wol hjar beet krije.*)

M a e i :

Hou! hou! Hwer komstou sa gau wei? Harkjen stiet net sa moai, der haw 'k dij neat ljeafer om. En dat oare moat noch útwizing dwaen.

Klaes:

Ik hearde dij hjir praten; de boer wier foart, ik tochte: dat treft, hjaar! Hast' mij hwet niis to fortellen? Ik haw dij sont snjeun net sjoen.

Maei, (*glimket*:-)

Dat is gânsk in skoft, twa dagen!

Klaes, (*earnstiger*:-)

Ik haw om it hûs sjoen fen Dinemoai, ik kin 't krije for 40 gounen hier, en 'k haw 35 bean. Noch in ryksdaelder, dan haw ik it, leau 'k. It bigjint er dan dochs hwet nei to lykjen, datst myn aerig wyfke wurde seilste. It wirdt ek al ris tiid. In pear nije skoenen haw 'k wol om dij forroun.

Maei:

Wij hawwe nou hwet sinten bijenoar gearre; as wij foar in jier of trije trouwen wiennen, dan hienen wij ommers neat begjinne kinnen. Nou hawwe wij der in bytsje ta.

Klaes, (*strykt hjar om 't kin*:-)

Dou seilst' wol in aerich memke wêze; sa mûtel, leaf en kreas.

Maei:

De moaiste bôllen lizze folle foar it finster, jonkje! as 't mij haste, wollicht wost mij dan wol graech wer kwyd wêze.

Klaes:

Ik [dij] dan wer misse, der 'k sa lang for skrept haw? Der hoeft net bang for to wêzen. Wij scille tegearre in oar libben hawwe as myn boer en de frou. Nea scille we tsiere en altyd it goed meijenoar miene en elkoar helpe.

Maei:

Ja, dyn toarnimmens binne bêst, en 'k fortrou datste it mienste, mar tinkste dat it mei ús altyd de wyn efter de steven wêze seil? Stel dij er it

allermoaiste nou mar net fen foar, it moat ris hwet meifalle kinne.

Klaes:

Mar hwet tinkste fen 't hûs? Scil 'k noch in ryksdaelder er bij biede, of net? Er is net in bulteromte bij. Op de lytse bûrren kin 'k ek ien krije, mar dat is sa stomme lyts.

Maei:

Der moastou for riede. It goekeapste, as it goed biwenber is, past ús it bêst. Mar der kin ik mij net mei bimoeie, dat is manljues wirk. As it fûgeltje koft is moat de man for it koaike soargje.

Klaes:

Mar as it koaike net nei 't fûgeltsje hjar sin is, dan sjongt it net blier, en fladdert er to faek wol ris út.

Maei:

It scoe dij ek net sinnigje, as ik alle dagen mei de hannen oerenoar sitten gong en 't roaske soargje en dij mar wrotte en wrame liet. Né, sa scille wij net, heite! Dou moast dyn eigen sin hjiryn dwaen. Mar ik moat foart, hear! hwet mei de frou oars wol tinke. Hja kin wol tinke dat ik hjir om dij komd bin en dij fen dyn wirk hâld.

Klaes:

De boer komt foarearst net thús en dan strak mar hwet hirder, dan komt it op 't selde del. Mar earst noch in hertforsterkinkje, Maei! (*Hij slacht hjar de hannen om de hals, jowt hjar in tútsje en knypt hjar yn 'e hân.*)

Maei:

Lit mij los, jonge! ik moat foart. Dach Klaes!

Klaes:

Dach Maeike! Gau ris wer komme, hear!

M a e i, (*yn 't foartgean* :)

Dat soest' wol wolle, hè ?

K l a e s, *allinne*.

Dat hie 'k net tocht; in bûtenkânske wrachtig. It stiet er mei ús al gânsk better foar, as mei de boer en boerinne. Dit hawwe wij feinten en fammen bij de rike ljue foar; wij trouwe dy wij lije meie en keapje elkoar net mei jild, lyk as dat soort ljue faek docht. Krekt safolle om hûssittende to wurden, mear kin min tsjinwirdig ek net fen boerefeinten en fammen forwachtsje. Wij hâlde nou, om dat wij sa lang wachte hawwe mei trouwen en tige kloek wiernen, in stúrke yn 't kammenet, in apeltje foar de toarst. Ik haw ek in ekstra sparpot fen de boer syn jeften, as ik him nachts help, as hij dronken thús komt. Dan moat ik him faek helpe om him út to klacien en op béd to bringen, en dan fortsjinje ik wol ris in pear kwartsjes. Ho hij it altyd sûnder ûngemakken redt, wit ik net. Dronken ljue stean ûnder bisondere biskerming, seit min wol, en min scoe 't hast leauwe.

L y s, (*opkommende*.)

Soa, is de boer wer op 'e sjou? Dan kin 't wol in heal ûre lije, dan sjocht hij er dochs neat fen, hé? 't Is wol is noflik as men bij sa'n boer tsjinnet, oars net? Min wol ek wol ris hwet tiid for jin sels hawwe en oars wirdt jimme dat net gund. Is er net folle to dwaen, dan wirdt er hwet socht, en hawwe jimme it drok, dan wirde jimme útflokt en raesd, dat it hwet docht. Né, as ik jongens hie, der scoe gjin ien fen boerefeint wirde.

K l a e s:

De boer is wol foart, mar dat is mij itselde, Lys! derom doch ik myn wirk like goed. Jou mjitte alle herten bij jou sels ôf, tink ik, mar dat hâldt gjin steek. As ien ondogens is, hoeve se 't alle-gearre net to wêzen, wol?

L y s :

Scoe de boer syn boeltje hast opwêze ? Dat wirdt er to minsten fen sein. Hij hat er al mear skuld op as it wirdig is, en dan is 't al fier hinne, tinkt mij.

K l a e s :

Mei de boer syn skulden, haw ik neat mei to meitsen, en der praet ik ek net oer. 'k Scoe jou ek moaier stean om jou er stil fen to hâlden. As er 't hearde, scoest' ek wol ris minder profyt fen him krije kinne, as nou.

L y s, (*lilk.*)

Hwet tinkstou dan wol, dat ik sokke greate stikken fen him krij ? Dat scil dij net folle meifalle ; dou scilst' wol mear fen him plôkke hawwe as ik.

K l a e s :

Né Lyske, der binn' je mis mei, minske ! 't Gong mei mij mei gjin ryksdaelders, 't roun altyd mei in pear kwartsjes ôf. 't Rammelle jou better yn de bûsse ; jou moaije stimme hat jou gjin wynaeien lein. Jou hawwe der wol slach fen en dat stipet jou aerich. As er ien is dy it kwyt wêze wol, dan witte jou er ried op om it to krijen, hear ! De iene skarrelt er al oars troch as de oare. Mar *ik* for mij fortsjinje ljeafer dan dat ik stel.

L y s :

Dou hast ek altyd in finnige bek, krekt as dyn oansteande. As jimme noch hwet fen elkoar leare, dan scil ik myn foetten wol bij jimme fen de drompel hâlde, hwent dan fljucht mei gouens jimme it fjûr út de eagen.

K l a e s, (*gikoanstekkend :*)

Dat scoe spitich wêze, Lyske ! Jou scoenen sa'n goede klant oan ús hawwe. Maeike hâld sa'n bulte fen jou, hast like folle as ik, en dat scoe jou nearring goeddwaen.

L y s :

As ik it fen jimme hawwe moast, scoe 'k mij wol opdroechje litte moatte, mar ik bin er noch net sa nedig oan ta, of 'k kin jimme hûs noch wol misse, dan haw 'k ek gjin noed dat mij de gek oanstitsen wirdt.

K l a e s :

Wa stekt jou de gek oan? Net ien, ik mien it sikerwier. Foi! foi! jou binne altyd sa erchtinkend.

L y s :

As it jin mei rounne wudden sein wirdt, dan hoeft min net erchtinkend to wêzen, dan wit men it. Ik bin tominsten bliid datst Maeije troue scilste, en bij de boer wei komste. Dou dochst' mij neat oan as skea. Ik scoe mij hwet skamje as ik dij wier, sa'n earm minske as ik moast hwet yn 'e hân wirkje, der hiest sels ek foardiel fen. It goede, datste oan in earm minske dochste, wirdt dij letter dûbbeld forgoede, seit de skrift, en dat is wier.

K l a e s :

Hwet de skrift seit, der bin 'k sa goed net mei oppe hichte as jou, mar der scil net yn stean, dat ik it de boer ûntstelle moat, om it jou, as earm minske, to jaen. It komt moochlik wol yn jou kreamme to pas, mar net yn mines.

L y s :

Ja, stellen en krijen is twa. Stelle mei min net, mar mei in kleinigheid fen in oar syn oerfloed in earm minske as ik to stypjen, der sjoch ik gjin kwea yn.

K l a e s :

Dan is jou gewisse net blank mear, hear ik wol, dan sitte er al swarte stippen op. Ei ja, dat wist ik oars ek wol, dat hat Maei al ris sein.

L y s :

Der hat Maei gjin ûnderfining fen.

Klaes:

Ei ja, Lyske, hawwe jou net ris in skjirre fen har frou to brûken *nomd*?

Lys, (*fen siden*.)

Divels, dat scil 'k hjar yndruie. (*Tsjin Klaes*.) Fen in skjirre, dy ik to brûken hawn haw fen frou Klaversma wit ik neat ôf. Hwet ik fen hjarres hawn haw, haw 'k werom brocht.

Klaes:

Soa!

Lys:

Myn hannen oan in oarmans goed to bisondigen, scil ik net graech dwaen, hear! Der scoe 'k for straft wirde, troch in bisiking fen heecher hân. Dat bringt myn geloove mei.

Klaes:

Dan scil dat binnen koart wol komme!

Lys, (*skodholjende*.)

Hwet is de wereld al sondig. In earme widdou sa to bitiigjen. (*Hja wol skrieme*.) Hwet is de ôffal fen des Heeren geboden al great. Och! Och! hwer scil 't hinne? As se der allegearre nei straft wirde, dan scil de pineging wol freeslik wêze.

Klaes:

Dy 't kwea dien hat, moat syn lean ûntfange, dat is net mear as billyk. (*Hij sjocht ta it finster út, forheard*.) Mar dy deale, wa komt der oan rinnen? Hwet is er nou to dwaen? Scoe de boer ongemak hawn hawwe?

Lys, (*ûntsteld, rint nei de doar*.)

Hwet scoe dat wêze?

(*Der wirdt bûtendoar roppen: »To gau! To gau! de boer hat in ûngelok hawn, kom gau!»*)

(*Klaes rint ta de doar út, wiles komt Dyntsje oan-rinnen, slacht de hannen gear en seit*.)

Och, heden! hwet is er nou oan, wat skilt er oan! In ûngeluk?

Lys, (*yn 't ofgean:*)

Ik seil gau ris sjen.

Dyntsje, (*hja rint hinne en wer:*)

Ik wier der al bang foar. Och, as er noch mar libbet. Hij moast net foart west hawwe, mar ik koe him net thús hâlde, 't is myn skild net!

(*Klaversma, Klaes en in pear oare mannen komme mei Wobbe twisken hjarren yn op. Wobbe moat sa hwet sleept wurde en is tige wiet om de holle.*)

Klaversma, (*seit tsjin Dyntsje:*)

Hij hat in traep fen it hynder op it boarst hawn, helje in kessen, dan lizze we him der op. (*Dyntsje giet fluch of en komt dalik wer op mei in kessen en leit it op de slier del, hwernei hja Wobbe mei de holle derop lizze. Dyntsje falt op de knibbels bij him del en seit: 't Is myn skild net, 't is myn skild net! Hij woe foart en ik koe him net tobek halde!*)

(*It kleed falt.*)

FJIRDE BIDRJUW.

It toaniel is in keamer fen Klaversma.

(*Klaversma en Grytsje sitte oan de theetafel, Klaversma mei in lange piip oan; Grytsje breidet.*)

Grytsje:

Kom, ik seil jou mar ris in kopke ynskinke, jou scille er wol sin oan hawwe. Dyntsje bljúwt ek sa lang wei, 't is al healwei trijen, hja hat fêst bilet hawn. (*Hja skinkt yn.*)

Klaversma:

Ja, jit mar ris yn. Om it waer hoeft se ek net

thús to bljúwen. Ei nou, hja kin ek noch wol komme, sa let is 't noch net, en as se net koe, hien-wij al boadskip hawn.

G r y t s j e :

Wij sitte nou rêstiger as for trije jier. 't Is nou trije jier mei Wobbe.

K l a v e r s m a :

Ja, wat bringt de tiid al in foroaringe mei. Wa scoe tocht hawwe dat Dyntsje sa gau wer boerinne ôf wirde scoe. En alles wier hast op. 't Is mar sa: dy oan de drank forslave binne, reitsje meast gou yn 't ûnderbaitsje, al ho 'n geweld as se ek útjowwe. As min se swetsen heart oer hjar greate dingen, liket it wol dat se bergen forsette kinne, mar it binne wyn en fearren.

G r y t s j e :

En doch slacht min wol ris gelove oan sokken, min wol se eigenlyk sa min net hawwe as se binne. Mei in dronken minske hat min de gek wol ris, mar eigenlyk binne hja djip to bikleijen. Hwet bij follen fen jongsoan ûntbrekt, nammentlyk de middels om genot to hawwen en foarút to kommen, hat mannich sûplap for 't gripen hawn, en sokken for-soppe dan hjar fortún.

K l a v e r s m a :

Scoene in bulte âlders der ek gjin skild oan hawwe? Ik leau it wol. As se noch bern binne, dy for in diel op de skoallebanken thús hjerre, bern fen in jier of 15, 16, wirdt it jeneferdrinten en útgean hjarren al leard, en mannich pear âlders is er great op, dat hjar bern op dy jierren al tige meidwaen kinne. Alles wirdt for hjarren oanskaft om mar net ûnder to dwaen for hjar gelikens, en it forstân is noch net ryp genoch, om to bigripen hwet hja noch binne. Alle setsjes en pretsjes binne hjarres; op jild fordwaen binne se faek great en dy de mearste romers leechnimt, is de greate man. Thús lûkt heit

for hjarren oan 't baeitsje, hja hawwe natúrlyk net folle nocht oan 't wirk; troch dat hja faek foart binne, giet de aerigheit ten 't arbeidsjen ôf. En mei de dochters fen sokke domme, idele âlders is 't al net better steld, dy laborearje oan deselde kwael.

G r y t s j e :

Dat scil wol wier wêze, mar dy 't net meidwaen kinne, tsjinje ek ta spot for in oar, en wirde jamk potkikers neamd. Net allinne de âlders, mar ek mynhear Publyk hat skild.

K l a v e r s m a :

Alles of neat, dertwischen is in bulte ûnderskied, lyk as twischen gebrûk en misbrûk, mar dy bern *binne*, moatte dat ek salang bljúwe, ont hja hielen-dal op eigen foetten stean kinne. Folle weeldeberntsjes spylje to gau for master op, en yn ús dagen sjocht min tomear de gefolgen hjir fen, nou alles bij 't wâltsje lâns moat, en de fette kij de meagere bi-plúsje. Min sjocht folle ûngelokkige houweliken, net allinne troch de maetskippe like omstandigheden, mar ek omdat er tofollen trouwe, hwerfen de man syn fak net leard had en de frou fen húshâlden net in byt ofwit.

G r y t s j e :

Dit leau ik wol, dat de mânljue er mear skild oan hawwe as de frouljue, hwent as de man net for it fak birekkene is, kin it wiif it dochs net hâlde, it mearste moat dochs troch de man komme, dy is de haedbistjûrder en it mearste de baes fen 't spil.

K l a v e r s m a , (*laitsjende* :)

Der scille we nou mar net oer kreauwe, âlde !

G r y t s j e :

Ei ja, hwer twa kibje hawwe gewoanlyk twa skild. Der wirde lykwol ek in bulte bijenoar foege dy net bijenoar hearre. Ljeafde hjit de drjúwfear to wêzen, dy herten oan-en-oar bynt, hwer it jild faek dy drjúwfear is en dat kin gjin lok meibringe.

Sa skeakelt de iene ûndeugd him faek oan de oare en is de wrâld yn 't algemien de dupe erfen.

Klaversma:

En wij wirde meienoar ûngelokkig, hwent hwer it jild faek it soun forstân, en elts kreftig foarnimmen om for 't algemien wolwêzen to wirkjen, sa ûnderdrukt, der giet ús maetskippij forlern. (*Hij sjocht ta it finster út en giet der hinne.*) Hea! as wij yn Oast-Inje wiernen, dan scoe 'k sizze der giet Sjouke hinne. (*Hij wiist ta it finster út.*) Sjoch! liket dy er net sprekkend op? Dy stap, dat postuur! Ik leau wrich-tich dat hij it wêze kin.

Grytsje, (*is ek nei 't finster gien:*)

Hij hat hwet flinker hâlding, mar oars, ja, hij hat er in bulte fen.

Klaversma:

Stil ris! Hij teikene do for seis jier, dy binne nou ek om, tink ik.

Grytsje:

Ja, Dyntsje hat great trije jier trouwd west en nou is se trije jier widdou; dat komt sa út.

Klaversma:

Dan kin 't sa wol wêze. Wij scille er dan wol mear praet ten hearre.

Grytsje:

Dan scil Dyntsje ek freamd opsjen. Komt se der net oan? Ja!

Klaversma:

Hja is noch goed soun, hwent se rint noch as in ljip.

Grytsje:

Wij praten niis, dat de frouljue like folle skild hienen as de manljue, as 't forkeard gong mei de saken, mar der hat Dyn hjar net oer to bikleijen.

Klaversma:

Dat leau ik ek wol; mar hij wier al troch alles hinne, doe hja mei him troude. Hienen wij forút ek witen, dat wij sa 'n erfskip fen ús omke krije scoene, dan hienen wij it ek nea tastien, mar yn 'e need docht men wol ris hwet, der men letter bi-rou oer fielt. Ik hie gjin aching for him, mar dat hij noch sa min wier, dat hie 'k eigentlyk net tocht.

Grytsje:

It kaem tominsten rare bikaeid yn alles mei him út; mei syn boerepleatsen, mei syn rykdom en alle moaiigheden, it wier allegearre fen oarmans jild.

Klaversma:

Hja hat it sûnder him nou gâns better, al is ek alles net rom en breed. Hja kin dochs fesoenlyk hjar eigen brea ite, en hat nou mei nimmen lêst. It is Jochem Pak ek al nei syn wirken gongen, hij rint nou to biddeljen, sa min seit. Kom, der is Dyntsje al!

Dyntsje, (*opkommende* :)

Dach! Is 't yet goed mei jimme?

Klaversma en Grytsje:

Bêst Dyn, mei dij ek?

Dyntsje:

'k Kom al hwet let, ik krige thús forlet. Fetsje Ales kaem om in boadskip bij mij en dy bleau noch al hwet sitten. Binne de bern allegearre soun?

Grytsje:

Ja, bêst op stap.

Dyntsje:

Ik haw Jochem Pak jister bij mij hawn. Och! Och! hwet is dy al foroare! Hij woe graech hwet iten fen mij hawwe, hwent hij hie hunger. Mei in

lyts koerke yn de earm, der in pear doaskes luusjefers yn leinen, rint er de streek ôf. En âld en stikken! Hê! it griisde mij dochs oan, ho swart syn gewisse ek wêze mei.

Klaversma:

Ja, boantje komt nou om 't loantje.

Grytsje:

Hwet wille hawwe sokke minsken er dochs oan, om hjar sounens, lok en hjar sinten, alles op te offerjen oan dy drank, hoe is 't moochlyk?

Dyntsje:

Syn wiif wier stoarn, sei er, oan in hertkwael, mar ik koe wol bigripe, dat dy hertkwael hertsear west hat, hwent ho oppassend en flink hja ek wier, tsjin sa'n kearel wier gjin bolwirkjen en sa'n lijen en earmoed for hjar sels en hjar ljeafe berntjes alle daegen foar eagen, dat hat hja net útstean kinnen. De bern binne nou yn 't earmhûs en hij moast de kost sjen op te schoaien.

Klaversma:

En hwet hie hij it skoan oan 'e gong; hja hienen flinke ljue yn hjar gea west, as hij oppast hie.

Dyntsje:

Hij fortelde mij ek noch wat nijs.

Grytsje:

En dat is?

Dyntsje:

Ried ris?

Klaversma:

Dat kin ik wol. Sjouke is wer thús, út de Oast. Wij mienden niis dat we him seagen.

Dyntsje:

Ik hie 't al ris neirekkene, dat it net lang mear

oanhâlde koe. Hij moat er goed fen ûntkaem wêze, folgens Jochem; it hie him net sa min foldien, mar hij gong er dochs net wer hinne.

K l a v e r s m a :

Dat wol 'k wol leauwe; it wier syn holle net; hij wier er ek fiersen te goed for. Scoe er hjir ek noch ris komme scille? Of scoe er ús forachtsje, sa dat wij him to min binne, om nei ús om to sjen?

G r y t s j e :

Hij scil hjir wol ris komme, der haw 'k net folle noed mei. (*Hja drinke nou en dan ris op.*) Dyn, to! dou moast dij ek in klûntsje krije.

D y n t s j e, (*docht dat.*)

Ik scoe him noch wol graech ris sjen en sprekke wolle. Hwet hawwe wij him do al min bihandele. Mar need brekt wetten. Hienen wij tocht dat it sa rinne scoe, dan hie it oars komd.

K l a v e r s m a :

Ja, dan hie 't wol oars komd, en wij hienen for folle onk biwarre bljeaun.

D y n t s j e :

Dat er syn âlders yn dy tiid forliese moast, is wol tige hird for him, en scil hij nea forjitte kinne. Hij moat oars tige oppast hawwe; sa 't Jochem sei, hie er twa medaljes fortsjinne, der hij hwet greater pinsjoen troch hat. Mar ho koe dat ek oars, de oprjuchtens en bidaerdheid seach him altyd de eagen út. Mar hearink, der komt fine Lys ek oan; ik miende dat dy hjir net mear kaem.

G r y t s j e :

It hûs forbean haw 'k hjar net, it is in earme widdou en dan moat min wizer wêze, mar oars!... It is net ien fen de bêsten. Mar hja wirdt âlder, en dan kinne de ûndogenske streken er wol ris hwet útgean.

Klaversma:

Ik wit net, in foks forliest syn hjirren wol, mar net syn stréken. Langlêsten hawwe se hjar noch op gnobberije bitrape.

Dyntsje:

Ik haw in boadskip oan hjar, dat hjar net noaskje scil, dat treft krekt. (*Hja keart hjar kopke om.*)

Grytsje:

Ik scil ris efter bij de fammen sjen. (*Of.*)

Klaversma:

En ik bij de manljue, it wirdt hast melkerstiid. (*Of.*)

Dyntsje, (*allinne*):

Myn âldershûs! Hwet is er al hwet foarfallen, sont ik hjir as bern boartte, en it libben mij as in bliere maeitiid oer it fjild talake. Gjûn onk kin jin birikke, mient min dan; as it frije fûgeltsje sjongt en djoeit min bij jins âlders om. Mar och! ho koart dûrret dy wille; de kearside fen it libben lit gau syn grimmitige toskjen sjen en knabbelt jins freuchde en lok gau oan de woartel. Lökkich dat de blêdden fen ús libbensboek tichtslein binne en wij eltse dei ien iepen dochge mei ús eagopslach, krekt as mei in skoerkalinder, der min eltse dei in blêdsje ôflûkt. Mannich blêdsje fen myn libbensboek is sûnder in inkel blomke bjeaun en scoe 'k net ljeafst wer trochblêdsje wolle. En min mei jin wys meitsje litte dat, as de mjitte fen heger hân fol achte wirdt, de redding, de útkomst neibij is, dat ek it ljen tsjinje moat ta iwig lok, — ik kin mij net begripe, dat *ljen* for in minske weilein wurde *kin*, om dermei lok te fortsjinjen. Dan moatte follen dat *djûr* keapje, hwent de swakke kin 't net útstean, en biswykt yn syn striid op 'e wrâld, en syn lean wirdt dan in greate wiksel op in ûnbikind kantoar. Né, de domenij's meije it preekje, mar leauwe doch ik it net mear.

L y s , (*opkommende* :)

Dach frou ! Ho is 't mei jou ? Goed, hoopje 'k. Jou hawwe oars al frijhwet ûnderfoun, hê ? Fij minske ! Mar hwet des Heeren wegen binne, kinne wij net ynsjen, en hwet wij mear lottere wirde op dizz' ierde, en mear tsjinrampen hawwe, des to greater scil ús fortsjinne lean ek ienkear wêze.

D y n t s j e :

In minske, dy safolle op hjar konsjinsje hat as jou, hoeft in oar net nei in iwigheit to wizen. Dy wudden passe net yn jou mûle; jou handelingen binne der *net* mei yn oerienstimming. Jou hawwe de skrift net bigripen, minske ! Mar it treft moai, dat jou hjir komme, ik haw in apeltsje for jou to skilen, der je net hird yn bite scille.

L y s , (*forheard* :)

Hwet je sizze, frou ! Ik haw neat dien, hwerom ik foar jou myn eagen hoeft del to slaen. Hawwe jou hwet op mij to sizzen, sprek op dan mar ! It folk des Heeren moat dochs smaed fordûrje.

D y n t s j e :

Dat je troch alles hinne wiernen en it minskelike — dat is to sizzen it goede, jou trochroun is as in gatsje-panne, en it forkearde foar de gatsjes opstrûpt is, dat wit ik al lang. Mar is jou geheugen net sa sterk, dan scil ik dit tomjitte komme.

L y s , (*lik* :)

Né, ik kin tige bêst ûnthâlde, der kin 'k je wol bliken fen jaen.

D y n t s j e :

Dan komt dat goed út. For trije jier, do Wobbe dat ûngelok hawn hat, dat syn dea dien hat, do hawwe jou in skoftsje mei Jochem yn de keamer bij him west, do hij mei de klean oan, bûten kin-nis, op it kessen lei, wyls wij it foarenoar brochten, om him op bêd to bringen. (*Lys sjocht for heard.*)

Hij hie de moarns goed trije hounderd goune bard, dat wist Jochem, en do ik syn boekje en beurs út de bússe krige en de oare moarns neiseach, do wier yn it boekje neat, en yn de beurs in pear ryksdaelders. Ik wist net hwer dat jild bljeaun wier, hij koe 't de deis wei brocht hawwe, of se koenen 't him ûntkrigen hawwe; dat koe 'k net witte en ek net bêst ûndersiikje. 'k Haw lykwol dizze wike in man bij mij hawn, dy sei dat it Wobbe bij syn thúskommen ûntstellen wier en dat fine Lys dat dien hie.

Lys, (*flucht mei de fûsten
oprolle op Dyntsje ta en seit:*)

Dat lychstou! Hwet smeant kin dat sizze? Ik haw er myn hânnen net oan bisondege; dat jild scil er wol forsopen hawwe of forhoerke, of weismiten, wit ik it? Mar ik haw 't net hawn. Wa dat sizze doart, dy scil 'k efter de traljes sette. (*Hja skriemt.*) In earme widdou sa to bilasterjen! O, hwet moat it útforkoaren folts dochs in smaed ûndergean om 's Hearen namme.

D y n t s j e :

Der hat des Hearen folk likemin lêst fen as in oar, as se it sels er mar net nei meitsje. Mar om bij de saek to blúwen. Dat jild, dat jou Wobbe út de bússe krige hawwe, der woenen jou dy man in tredde part fen jaen en sels it oare hâlde. Jou tochten dat scoe him wol goed wêze, omdat hij ek tofolle drank hie. Hij woe 't net hawwe, mar dochs naem hij er hwet fen en hij scoe it stil hâlde. Lykwol skynt dy man syn konsjinsje safolle ûnreinheid net bifetsje te kinnen as jouwes, hwent hij hat him sels en jou forklappe. Hij rint as skoaiër om en swabbet it libben lâns, mar dochs is er noch ealer as jou, hwent it skynt *him* op syn gewisse to barren, en jouwes is for gjin fjûr mear fetter, it is al forhirde.

L y s, *sjocht foar hjar del, mar
seit dochs daedlyk wer
brimstig:*

Dat licht dy sûplap, dy smearlap, ik scil it him
ynpiperje.

D y n t s j e:

Jou witte dos wol hwet man as it wier, dy it
mei dien hat?

L y s:

Né! ik wit fen alles neat ôf, mar dy neakene
sweal, dy skobbert, dy er alles trochjage en forso-
pen hat..... O Jochem! as ik dy yn de fingers
krij! (*Hja stekt de fûst wer op:*)

D y n t s j e:

Skellen en razen jowt jou neat, en ik hie mear
leafde bij jou forwachte. Mar as je Jochem noch
to pakken hawwe wolle, dan scoe 'k er mar mei
foartmeitsje, hwent ik jow it nou oan bij it gerjucht,
en as jimme beide yn de doaze sitte, dan kinne je
net bij him komme. Joun noch gean ik bij de fjild-
wachter oan, hwent tsjûgen om de saek noch mear
ta klearigheid to krijen, haw ik wol.

L y s, (*bigjint skriemerich to
praten:*)

Ik scoe jou riede en doch it net, jou sette er mij
in kroane mei op 'e holle. In earme widdou, lyk
as ik, rekket hjar nearring kwyd, mar it koe jou ek
noch wol ris spite, hwent ik haw 't net dien.

D y n t s j e:

En dat is it just dat ik witte wol. Hawwe jou it
net dien, dan krij je ek gjin skild, en nimmer sjocht
jou er for op de rêg oan, en jou hawwe er ek gjin
skea fen. 't Is jou siker ek net forgetten, hwet ik,
do Wobbe yette libbe, faek mei jou to stellen hawn
haw, hwet lijen ik mei troch jou útstien haw. Min
moat ek net *al* to goed wêze, en it kwea allegearre

mar oer de holle sjen. Ik wol er net mear oer prate. De rjuchter moat it mar útwize, en scil dat binnen koart ek wol dwaen.

L y s :

Mar as je it mij net biwize kinne, en dat kin je net, omdat ik er ûnskuldig oan bin, dan klei ik jou oan for laster, en dat kin je ek wol ris sûr opbrekke.

D y n t s j e :

Der haw 'k neat gjin noed mei, myn tsjûgen binne sa goed wol, der skoerre jou net for wei. En dan kinn' je efter de blauwe laaien mar bidde en oertinke, hwet je al misdien hawwe. As ik it dwaen kin, dan scil jou straffe wol lyk oan jou misdied wirde, der kinn' je op rekkenje.

L y s , (skriemerich:)

Der is gjin ien bij, nou skamje jou je neat hwet je sizze. It minskdom is al forbastere, it Godsfolk moat forstjitten wirde; 't is wol slim, dat se jin bi-tiigje doare fen stellen. In earme widdou, dy mei skreppen en klauwen hjar stikje brea mei earmoed ite moat.

D y n t s j e :

Dat binne mar praetsjes, dy jimm' altyd útkreamje, mar dy gjin hout snije, dy neat to bitsjuten hawwe. Ik scoe mij skamje, dat myn dwaen der sa mei yn striid wier, dat ik elk sines net hâlde litte koe.

L y s , (kritend:)

Wij kinne elkoar it bloed wol waerm meitsje, mar dat jowt neat. Ik siz jou noch ris; ik haw je neat ûntnommen, sa wier as

D y n t s j e , (falt hjar yn 'e reden:)

Swar net! Lit de rjuchters it útmeitsje. Hawwe jou it net dien, klei mij dan oan. Binn' je skildig, hwer ik net oan twifelje, dan gean jou nei it greate pakhûs en der mei út.

L y s, (*binaud* :)

Och frou, klei mij net oan! Ik wol foar jou op 'e knibbels falle en forjefsenisse freechje; 'k wol alles for jou dwaen; och frou! (*Hja falt op de knibbels en strekt de hânnen nei Dyntsje út*;) dôch it net! dôch

(*Maei komt krekt yn, Lys springt oerein.*)

M a e i: (*slacht de hânnen gear en seit* :)

Ho hawwe wij it nou, frou? de earme widdou of ljeafer: de skynheilige, knibbelt foar de earme sûndaresse? Ho is 't, Lyske, hawwe jou de knibbel-siekte krigen? Jou dije oars goed, jou hawwe in skouwing, it is in lust! Mar hwet nou? of smeeke jou de frou om genade, for it ien of oare misgreepke?

L y s, (*lilk* :)

Forhip dou! hwet hast' mei mij to meitsjen? Hast wer op de hark stien, lyk as t' altyd dochste? (*Skamper.*) Ne, Lyske hat de frou neat to bidden, der hoeft Maeike gjin soarg mei to hawwen.

M a e i: (*húnjend en gnyskjende* :)

Ei né, dat koe Maeike ek neat skille. As er hwet nijs op til is, lústerje ik graech ris en 'k leau, er is nijs op til. Ik haw er in bytsje fen Jochem fen fornômd, dy man wier alhiel fen de wize. De Heare hie him ienkear loslitten hawn, mar nou hie er de *wirkelike* pikearing krige, en hij sûndige foartoan net mear. Nou, ik hâld it er foar, dat syn konsjinsje ek oerrint, syn skande-boekje is fol. Binn' er yn jouwes ek noch wite blêdsjes, Lyske?

L y s:

'k Woe net leafst, dat ik yn dyn steed stean moast. Dou kinst net ien ûngeskonden rinne litte, en hast op elts hwet to sizzen.

D y n t s j e:

Jimme passe elkoar net, jimme tsiere altyd as jimm' elkoar sjochge.

Maei, (*glimket* :)

Né frou, sa slim is 't net, ik haw al tocht om bij hjar op it fraechlearen to gean, om hwet fen hjar strêken to learen. Moochlyk rollet mij dan ek noch ris trije hûnderd goune yn 'e bûsse.

Lys, (*sjocht forheard* :)

Dat scoe dij ek wol passe, wa wit hwet stou noch ris ienkear dochste, as de kweade dij yn de macht kriget.

Maei:

Nou, as ik it earlyk krije koe, dan naem ik it. Stelle woe 'k net. Dat scoene jou mij ek net leare, wol?

Lys:

Ik wol gjin praetsjes fen dat smoarge wiif mear hearre, it kin hjar neat skille hwet se seit, hja kin jin op 't lêst alles wol forwite. (*Hja wol foartgean.*)

Maei:

Dy skurf is freest de roskaem en naeit er út.

Dyntsjer:

Foi Maei, jou moatte dat minske sa net pleachje.

Lys: (*yn 't ôfgean* :)

Dat bin 'k wol fen hjar wend. (*Hja giet bij Dyntsjer lâns, dy hwet efterlyk stiet en seit sûnich* :) Och frou, dôch it net! ik scil wol bij jou oan hûs komme.

Dyntsjer, (*tsjin har* :)

Dôch dat mar net, it helpt je neat, ik bin bi-slûten. (*Lys ôf.*)

Maei:

Dy is net sa noflyk ûnder 't fesje, wol 'k leauwe. Hja miende dat ik de stoarje noch net wist, mar dat foel hjar ôf. Jochem is mei him sels oan, en wol wol graech oppakt wurde, sei er tsjin Klaes. Nou, dan kin dat âkelige wiif hjar fortsjinne lean ek krije.

Ho folle as se jimme net ûntstellen hat, as Wobbe tofolle drank hie, der is de ein fen wei. Mar it scil hjar forkeard ôfgean. Ik haw er tominsten skik yn, dat dat fel efter de traljes komt.

D y n t s j e :

Hja hat it wol oan mij fortsjinne, en 'k leau ek dat ik it oanjow.

M a e i :

As jou it net dochge, dan doch ik it tominsten, min mei it net oergean litte. De ûndogensheit wirdt er troch stipe en dy hat gjin foargongers brek.

D y n t s j e :

It is al gemien, Wobbe laei for dea der hinne, ik wier er mar effentjes bij wei en dan foart mar to stellen!

M a e i :

Hjar hannen stean er krekt nei. Hja hat it sa faek al dien en dan leart it op 't lêst, krekt as bargeslachtsjen.

D y n t s j e :

Wij moasten Jochem hjir hawwe, dan koenen we him útfreechje ho de saek him krekt tadrage hat.

M a e i :

Niis ston er bij Klaes, wol 'k hjarren roppe?

D y n t s j e :

Dat koe wol, dan heart dy it yn 't bijwêzen fen ús.
(Maei ôf.)

D y n t s j e , (allinne :)

Heit en mem hawwe in bulte steun oan Klaes en Maei; sa 'n pear earlike, warbere, oppassende ljue fynt min net folle mear.

Dyntsje, Maei, Klaes en Jochem, (*de lêste âld yn 'e klean en smoarg, mei in koerke oan 'e earm, Klaes yn in wirkkyle.*)

Klaes:

Woen' je ús foar it forhoar nimme, frou?

Dyntsje:

Ja, mei Jochem woe 'k wol ris prate, en sa koenen jimm' it ek oanheare. Mar lit ús nei de poeskoken gean, mem en heit scille wol net witte hwet er oan is. (*Allegjerre ôf.*)

Sjouke, (*komt op yn gewone klean, mei in snorke ûnder de noas. Hij sjocht tige om him hinne. De muzyk spilet sûnig it deuntsje út it twadde bidrjuw.*)

Hja is er net, oer seis jier haw 'k yn dizze selde keamer hjar for it lêst sjoen. Ik tocht do nea hjir wer to kommen. As de waerme sinnestrielen jin der hast forskroelden, of as ús hoofden mei ús omsprongen, as wiernen wij marionetten yn in poppekast, altyd wieren myn hert en tinsen op dit selde steed. *Seis jier!* Hwet is er al foarfallen for mij yn dy tiid. Hwet al tinsen, hwet al winskjen, hwet al hoopjen. Hwet in mimerjen oer hjar, om wa ik foartgong. Ho scil hja er nou útsjen? Scoenen 't dy selde eagen yet wêze fen do? dyselde fleurige blik op 't antlit? Of scil hja troch it lijen sa foroare wêze, dat 'k hjar hast net mear kin? Hark der giet in doar, wa komt der út? O, dat is Jochem Pak. Ja man, dou hast ek seis jier yn in skipke sylt, dat net altyd de wyn fen efteren hie, it wetter hat net altyd effen en flak west en de wyn dij net altyd like frisch om 'e holle waeit. Dyn plunje is yn seis jier frijhwet minder wurden en 't liket wol, dat hij him yn al dy tiid net wosken hjat.

Jochem, (*mei it koerke:*)

Sjouke:

Dach Jochem! hwet dochstou hjir sa yn hûs? Ik

miende net, nei 't jinge hja mij skreauwen, datstou hjir sa 'n goede kameraed wierste.

J o c h e m :

Né, dat wier 'k oars ek net, en dy haw 'k ek net mear, ik haw myn libben foar de wrâld fornietige en moat omswabberje, allinne, sûnder myn bern, dy yn 't earmhûs binne. Hwet mij hjir bringt, is in bisonder gefal, hwermei ik Dyntsje fen tsjinst wêze koe.

S j o u k e :

Is jou wiif dea, Jochem? en ho komt it dat je sa omswalkje?

J o c h e m :

Ja, hwet scil 'k sizze. Ik hie sa 'n bêst, kloek, oppassend wiif, en sokke ljeafe berntsjes, en myn saken gongen ridlik goed. Mar de sterke drank krige mij yn 'e macht, hwetroch wij ta earmoed forfoelen, en myn wiif fen hartseer stoarn is. (*Hij skriemt.*)

S j o u k e :

Hwet is 't dochs aklyk, dat tinne focht, sa mannichien ûngelokkig makket. It griist mij oan om jou. Hjir hawwe je hwet fen mij. (*Hy jout him hwet. As for him sets.*) Hwerom slút de regearing Skiedam ek net?

J o c h e m , (*steckt it jildstik yn 'e bússe.*)

Tankje wol! Ik scil mei gauwens net mear nedig wêze, ik haw myn hannen bisondige oan in oarmans goed, en scil wol yn 't tichthûs reitsje. Ik koe 't wol stil hâlden hawwe, mar ik hie rêst noch dûr, it moast er út. Ik haw Wobbe jild mei ûntstellen. Dat is dan eindlik de wrange frucht fen 't kweadwaen.

S j o u k e :

Eigen skild pleaget it meast. Jou wiernen folle mei Wobbe op en út, net? Dy is nuver oan syn ein rekke, hearde ik.

Jochem:

Ja, wij rieden tegearre mei de sjeas fen hûs, hij dronken en ik ek lang net nochteren, en in eintsje fen hûs jage er tsjin in beam oan. Wij foelen om, hwertroch hij him ynwendig bisearde; dat de oare deis wier er al in lyk.

Sjouke:

Och, och! hwet hat Dyntje hwet mei him útstien, hear ik. Is hja ek yn 'e hûs? Ik miende dat se hjir neimiddei hinne gongen is.

Jochem:

Ja, hja is hjir hjoed to thêdrinken. Der komt Klaes oan, nou gean ik mar foart. Dach Sjouke! Tankje yetteris. (*Of.*)

Klaes, (*forheard.*)

Sjouke! Dou hjir? (*Hij jout him de hân.*) Kom, soun en wol yn 't faderlân torêg.

Sjouke:

Ja man, sa je sjochge. Kom, jou sjochge 'r ek noch goed út. Jou binne nou trouwd, is 't net? mei Maeike, der jo do al om frijden.

Klaes:

Ja, wij hawwe sahwet trije jier trouw west, en it hat ús noch gjin ûre roud.

Sjouke:

Dat wol 'k wol leauwe, jimm' hienen elkoar sa goed kinnen leard, dat it moast wol goed útfalle.

Klaes:

Mar derom pakt it altyd noch net *like* goed út!

Sjouke:

Dat is wier, dy gefallen binne der. 't Giet mei jimm' dan better as mei Jochem.

Klaes:

Ja, dat skilt hwet, mar it is syn eigen skild en dat pleaget de minsken it mearst Jou geane fêst net wer nei de Oast, wol?

Sjouke:

Dat is myn plan net. Mar ik moat wer hwet to dwaen siikje. Ik forfeel mij. Ik bin hjir nou mar ris hinne dwaeld, ik woe de âlde ljue wol ris sprekke. 'k Haw altyd in bulte fen hjarren hâlden, en der jinsen noch faek om hjarren tocht.

Klaes:

Dat wol 'k wol leauwe, mar ek noch wol ris om Dyntsje, tink ik?

Sjouke:

Dat kin je bigripe. Gjin dei dat ik net oan hjar tocht, en it bigreatte mij tige, dat se sa'n lijen hie. Myn âlden skreauwen mij er folle oer, omdat ik er bilang yn stelde. Min scoe sizze hja krige fortsjinne lean, mar hja wier er dochs to goed for. Dat hie se net fortsjinne; hwent it wier hjar skild net.

Klaes:

Wobbe is mei syn sûpen en greatsprekken net fier yn 'e wrâld komd. Do er stoar wier 't allegearre skild; hja hat de beide pleatsen forkoft en is alles lyk makke en hâlde Dyntsje noch in lyts bytsje oer.

Sjouke:

Kin Dyntsje nou sa hwet fen hjar eigen libje?

Klaes:

Bij 't jinge dat se hat, fortsjinnet se hwet, mei naeien en breidsjen. Hja is tige fleurich en de âlde ljue kinne hjar ek wol hwet stypje. Dat stiet er better foar, as foar seis jier.

Sjouke:

Jimme binne altyd bij de âlde ljue yn 't wirk?

Klaes:

Maei en ik binne er beide mearstentiids, *ik* altyd en fierder rêdde hja 't mei eigen folk.

Sjouke:

As ik goed sjoch komt Maei dêr krekt oan.

Klaes:

Ja, dat is se! (*Maeike komt op:*)

Sjouke:

Dag Maeike, ho giet it mei jou. (*Hja fûskje:*)

Maei, (*forheard:*)

Bêst, Sjouke! ho is 't mei dij! min scoe dij hast net mear kinne, mei dyn hirdfeger ûnder de noas. Hast in prûk opiten?

Sjouke:

Dou bist de selde Maei noch al. 'k Haw mei dyn man praet, en dy hat mij sahwet op 'e hichte fen de tiid holpen.

Maei:

Hast al bij Dyntsje west? Ik wol leauwe, dat se langst nei dij hawwe scil. Yn sa'n tiid elkoar net sjoen to hawwen! dan scoe men langst krije, net?

Sjouke:

Ik koe hjar ek wol ris forgotten wêze.

Maei:

Forgotten wêze? dat liket neat en hja is er ek niks minder om, dat se troud west hat. As ik tominsten feint wier, ik scoe se noch wol hawwe wolle!

Klaes:

Nou, as 't mei mij sa 'n skoft dûrre hie, dan wier myn ljeafde leau 'k al fordroege. It skoft wier mij to lang, ik krige to gau sin oan in oaren.

Maei:

Dou hast nou ien, en der moast it mar mei hâlde. Licht siket Sjouke nou ek wol ien.

Sjouke:

Min kin se sa mar net fen de dyk rape, it mocht hwet! En min moat se de kost ek mar jaen kinne. It is mei nimmen allinne net goed.

Maei:

Mei in goed sin en in pear goede hannen oan 't liif, falt it noch net ôf. It behoeft for jonge ljue ek gjin »snij yn en yt op mar" to wêzen.

Klaes:

Der komme de boer en frou en Dyntsje troch de efterdoar yn, ik tink dat se oan 't kuierjen west hawwe.

Maei, (*gnysket* :)

Kom Klaes! dan geane wij mar foart; ik wol dy ontmoeting net oansjen. Jimm' binne dan hwet frijer mei elkoar, sa wost ek ljeafst, net?

Sjouke:

Bljúw mar, dou bist ommers trouwd; ho kinst' der niget oan sjen? En Dyntsje is gjin faem mear, Maei, hja is widdou.

Maei:

Ja, mar der hastou hjar noch like ljeaf om, heite! (*Klaes en Maei bliúwe op 'e eftergroun stean.*)

(*Klaversma en Grytsje komme op, efkes letter Dyntsje. De beide earsten geane op Sjouke ta en sizze:*)

Sjouke! ho is 't mei jou? (*Hja stekke him de hân ta.*)

Sjouke:

Tige bêst! ho is 't mei jimme?

Klaversma:

Bliid jonge, dat je wer thús binne, soun en wol.

Sjouke:

Ja, dat bin 'k ek. (*Tsjin Dyntsje:*) Mar ho is 't mei jou Dyntsje, jou stekke mij de hân net ta, bin 'k je alhiel forgotten?

D y n t s j e, (*giet nei him ta en seit:*)

Né, Sjouke, net forgotten! mar ik doarst de hân net útstekke. Mar nou ik sjoch, dat er gjin haet bij jou is, nou doar ik hoapje op forjeffenisse. Der is myn hân, ho giet it mei jou?

S j o u k e, (*nimt hjar beide hânnen beet:*)

Seis jier lang, hawwe wij elkoar net sjoen, mar net ien dei, dat swar ik dy, — sa mei 'k dy noch wol neame, net? — is er forbij gien, dat ik dy net for eagen hie.

D y n t s j e:

Dy tiid forjit nea. Ik hie sa'n soarg, nou ik wist dat je thús wiernen, dat je mij forachtsje scoenen, en dat scoe sa hird wêze, ik bin al sa straft for myn skandlyk dwaen.

S j o u k e:

Der prate wij net mear oer, dat is al lang forgotten en forjoun, dat hoeft net mear, hwent ik hie gjin kwea hert meidroegen nei de Oast, tsjinoer dij. Hwet in lok dat wij nou frij fen alle bannen, elkoar yn de eagen sjen meije.

D y n t s j e:

O, tank Sjouke, dat ik dy wudden út jou mûle hearre mei. Forjoun en forgotten, dat is mear dan ik forwachtsje koe.

S j o u k e:

Mar mei ik dan nou ek hoapje op dat, hwet ik do fen dij forwachte hie? Neat stiet ús nou mear yn 'e wei!

D y n t s j e:

Dat giet sa hird, der kinne wij letter noch wol ris oer prate, net?

K l a v e r s m a, (*gnysket:*)

Sjouke giet net wer nei de Oast, scoe min hoapje?

Sjouke:

Né, dat net, mar der it hert fol ten is, der rint de mûle fen oer.

Grytsje:

Hwet in lok, dat jou sa soun en wol wer thús komd binne.

Sjouke:

Dat mei jou wol sizze. En hat Dyn yn dizze seis jier op de learskoalle yn 't libben gongen, ik haw ek leard, dat yn dy fiere lannen de maetskappij ek oan deselde kwael, ja, yette erger as hjir, mank giet de jildgod swaait oeral syn scepter, en foarmardet en fortrapet hwet opheft en ealer makke wurde moast. Och! dat elts meiwirkje woe, om in stientsje oan to bringen, ta it stichtsjen fen in better gebouw for de minskheid, — om de minsken ûnder en meienoar ta hjar waerde to bringen en to hâlden, dy hja nei hjar natûr hawwe kinne. Dan koe hjir elts syn himel meitsje en lokkig libje. Dan hoeften de houliksbannen net slûten te wurden mei pongfollen ryksdaelders, mar scoe de ljeafde it segel wêze kinne fen eltse forbyntenisse. Hwet lok en sein dit oan de wrâld bringe koe, scil ienkear ús neiteam, as de jildgod ienkear ten syn troan helle is, bigripe! Mar Dyn, scoe súvere ljeafde nou ek al net foldwaende wêze, om ús to forienigjen yn ljeaf en leed?

Dyn tsje, (*falt him yn de earmen:*)

Ja, Sjouke!

(*De muzyk spilet it deuntsje út it twadde bidrjûw. Lokwinsken fen de âlde ljue en fen Klaes en Maeike.*)

IT GORDYN FALT.

